47ste/48ste jiergong - nûmer 2013-3/2014-1 - maitiid 2014

UtdeSmidte

03 **COULONHÛS**
Fan it boekje oer It Coulonhûs is in oanpaste en útwreide ferzje ferskynd, mei nije foto's.

08 **175 JIER**
By gelegenheid fan it 175-jierrich bestean fan it Fries Godgeleerd Gezelschap waard in jubileumboek útjûn.

13 **SALVERDA**
Prof.dr. Reinier Salverda is mei pensjoen gien en krige in feestbondel oanbean.

20 **JUBILEUMFEEST**
Septimber 2013 bestie de Fryske Akademy 75 jier; it jubileumfeest kamen goed 600 minsken op ôf.

FRYSKE AKADEMY

Dr. Hanno Brand nije direkteur-bestjoerder Fryske Akademy

Dr. Hanno Brand

De Rie fan Tafersjoch fan 'e Fryske Akademy hat dr. Hanno Brand mei yngong fan begjin desimber 2013 beneamd ta direkteur-bestjoerder fan 'e Fryske Akademy. Dat hat de Rie fan Tafersjoch bekend makke by de fiering fan it 75-jierrich jubileum fan it wittenskiplik ynstitút yn De Harmonie te Ljouwert.

Lês fierder op side 2 >>>

Sloop Akademy-pânen oan de Grienewei

De oanbestegingsproseduere foar de bouplannen fan de Fryske Akademy, dy't nijbou, renovaasje en restauraasje omfiemje, is okkerwyks út ein setten. Oannimmers kinne harren de kommende wiken oanmelde as gadingmakker. Nei in foarseleksje sille de oanbestegingsstikken healwei maaie oan 'e selektearre oannimmers foar ynskriuwing tastjoerd wurde. Tagelyk wurdt yn juny begûn mei de sloop fan de pannen oan 'e Grienewei 8-10. De sloop wurdt yn eigen behear dien.

De oanbesteging en de sloopwurksumheden liede de langferwachte útfiering fan 'e bouplannen fan de Fryske Akademy yn. De plannen besteane ûnder mear út it realisearjen fan nijbou oan 'e Grienewei 8-10 en it foarsjen fan in nije haadyngong op 'e hoeke Grienewei – Doelestrjitte. Dêrnjonken sil it kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint in yngripende ferbouwing ûndergean.

Lês fierder op side 2 >>>

Untwerp fan Jo Janssen Architecten fan de nijbou op de hoeke Doelestrjitte – Grienewei.

Ynhâld

Dr. Hanno Brand nije direkteur-bestjoerder Fryske Akademy 1-2
Sloop Akademy-pânen oan de Grienewei 1-2

Utjeften
Oanpaste en útwreide ferzje fan boekje oer Akademy-ûnderkommen *It Coulonhûs* 3
Ingelske grammatika fan it Frysk 4
Fiif bydragen yn *Genealogysk Jierboek 2013* 4
De Vrije Fries diel 93 5
Nij dossier oer Katalaansk yn it ûnderwiis 6
Rige dûbeltemanûmers fan tydskrift *It Beaken* 6-7
Nije edysje Benefisjaalboeken 8
Woordeboek fan 't Bildts 9
Nienke Boomstra promovearre 9
Promoasje Jelske Dijkstra yn Frjentsjer 10
It parochywêzen yn Noard-Nederlân 11

Personalia
Komme en gean 12
Prof.dr. Reinier Salverda mei pensjoen 13
Wizigings yn Akademy-gremia 13
Undernimmingsrie 13
In memoriam: prof.dr. René Jorna (1953-2013) 14
Anne van der Burg 15
Geartsje Veninga 15
Ferstoarne leden 16
In memoriam: Piter Tiersma 16
Tsien nije leden foar Fryske Akademy 16-17

Wurkferbannen en wurkgroepen
6de Dei fan de Fryske Taalkunde 17
Autentisiteit by Nederlânske skippen 18

Projekten
Wâldpykjes brûke it measte Frysk op sosjale media 19

Weromsjen
Goed 600 minsken by jubileumfeest 20-21
Morphology Meeting 2013 20-21

Aginda
Aginda-oersjoch 22
20ste Frysk Filologekongres 22

FA-ria
Kopij ynstjoere 2
Oar bankrekkennûmer 3
Akademydei 2014 3
Biblioteek giet oer nei Tresoar 23
Fries om utens wint foar tredde kear Frysk diktee 23
Win tûzen euro mei dyn masterskripsje 24

Paadwizer en kolofon 24

Kopij ynstjoere

Hjirby in nij nûmer fan *Ut de Smidte.* Wy hoopje dat jo it mei nocht lêze sille. Tusken dit nûmer en it foarige sit in lang skoft. Dêrtroch wie der sa'n soad kopij dat jo no in dûbelnûmer yn 'e hannen hawwe.

Wy stelle it tige op priis as jo saken oan ús trochjouwe dy't fan belang wêze kinne foar in grut part fan de stipers en dy't in dúdlike bân mei it Akademy-wurk hawwe. Jo kinne de bydrage per e-post stjoere oan redaksje@fryske-akademy.nl, of mei de gewoane post nei: Ut de Smidte, Postbus 54, 8900 AB Ljouwert.

Ferfolch fan foarside... Dr. Hanno Brand nije direkteur-bestjoerder Fryske Akademy

De beneaming fan Brand hat de ynstimming fan beide subsidiïnten fan 'e Fryske Akademy: provinsje Fryslân en de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) te Amsterdam. Hanno Brand sil de sânde direkteur fan 'e Fryske Akademy wêze. Sûnt april ferline jier wie Brand al waarnimmend direkteur-bestjoerder fan 'e Fryske Akademy doe't prof.dr. Reinier Salverda mei stúdzjeferlof wie.

Hanno Brand

Hanno Brand (Gouda, 1959) studearre skiednis oan 'e universiteiten fan Leiden en Gent. Hy promovearre yn 1996 op it proefskrift *Over macht en overwicht: stedelijke elites in Leiden (1420-1510).* Hy wie oan ûnderskate universiteiten en ûndersyksynstituten ferbûn, oant er yn 2009 haad fan 'e fakgroep Skiednis en Letterkunde fan 'e Fryske Akademy waard. Yn syn ûndersyk rjochtet er him benammen op 'e relaasje tusken de noardlike Nederlannen en 'e Hanze, hofkultuer, de elite yn 'e stêden en 'e sosjaal-ekonomyske aspekten fan stedsskiednis. Nei syn oanstelling oan 'e Fryske Akademy kaam dêr Fryske regionale identiteit (bygelyks de Fryske Nassau's) en Fryske maritime skiednis by.

Ferfolch fan foarside... Sloop Akademy-pannen oan de Grienewei

Alde glâns en alluere

It monumintale kompleks oan de Doelestrjitte, ynklusyf it út 1713 datearjende Coulonhûs, wurdt yngeand restaurearre. It rynsk stilearre ynterieur krijt dêrby ek syn âlde glâns en alluere werom. It pân fan it eardere levertraanfabryk oan de Doelestrjitte 2-4 sil ôfstjitten wurde. Foar de bouplannen is 7 miljoen euro beskikber. De Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) en de provinsje Fryslân drage elk 2,3 miljoen euro by. De oare 2,4 miljoen euro wurdt op it kleed lein troch de Stifting Frysk Akademyfûns (FAF). It ûntwerp fan de nijbou is fan arsjitekt Jo Janssen út Maastricht. De projektlieding is yn hannen fan Project- en Bouwmanagement Giezen út Assen. Nei alle gedachten kin de bou nei de simmer út ein sette, mei in beëage oplevering yn de maitiid fan 2016.

Oar bankrekkennûmer

It oergean fan de Friesland Bank nei de Rabobank betsjut ek dat de rekkens dy't de Fryske Akademy by de Friesland Bank hie, oergien binne. Der jildt no in oar bankrekkennûmer foar de Fryske Akademy. Jo kinne it fine yn de Paadwizer op de efterside fan dit nûmer fan *Ut de Smidte*. Wat de ING oanbelanget is it nûmer gelyk bleaun, útsein dat it no in IBAN-nûmer wurden is, mar dat jildt foar de bankrekkens fan elkenien.

Akademydei 2014

De jierlikse Akademydei wurdt yn 2014 holden op freed 12 septimber. Elkenien is fan 14.00 oere ôf wolkom. De krekte lokaasje yn Ljouwert is op dit stuit noch net bekend. Yn augustus krije de leden en stipers fan 'e Fryske Akademy noch in spesjale útnoeging foar de gearkomste, mei dêryn opnaam it programma fan 'e middei.

Utjeften

Oanpaste en útwreide ferzje fan boekje oer Akademy-ûnderkommen *It Coulonhûs*

2013 wie foar de Fryske Akademy yn dûbel opsicht in bysûnder jier. De Fryske Akademy bestie 75 jier, mar it Coulonhûs – dêr't de Akademy al sûnt de oprjochting festige is – bestie 300 jier.

Tegels yn Loadewyk XIV-styl yn de kelder.

'Nanne Ottema sei by de iepening fan de Fryske Akademy yn 1938 dat rêstich oannommen wurde mocht dat it Coulonhûs yn 1713 boud is, mar moai wis is dêrby gebrûk makke fan parten fan it hûs fan Mancadan', sa stiet te lêzen yn *It Coulonhûs; De sit fan de Fryske Akademy.* Jacobus Mancadan, de ferneamde skilder en âld-boargemaster fan Frjentsjer, wie de eigener fan de twa huzen dy't yn 1600 al oan de ein fan de Doelestrjitte stiene.

It Coulonhûs; De sit fan de Fryske Akademy, is in troch Piter Boersma oanpaste en útwreide ferzje fan de útjefte mei deselde namme fan 1973, dy't skreaun waard troch de doetiidske saaklik direkteur: Keimpe Sikkema. It boekje waard yn 1973 útjûn nei oanlieding fan de útwreiding fan de Fryske Akademy mei it pân Doelestrjitte 6.
It Coulonhûs befettet de skiednis fan It Coulonhûs, Doelestrjitte 8, mar ek de oare pânen, mei dêrby kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint, komme oan bod, lykas de tún.

Nije foto's

Foar de nije útjefte is gebrûk makke fan yllustraasjes út de útjefte fan 1973, mar der binne troch Akademy-meiwurker Hindrik Sijens ek nije foto's makke fan ynterieureleminten, de bûtenkant en de tún fan de Fryske Akademy.

De oanwêzigen fan de jubileum-fiering op freed 6 septimber yn De Harmonie, krigen it fernijde boekje as presintsje mei nei hûs.

Boersma, Piter & Sikkema, Keimpe, *It Coulonhûs; De sit fan de Fryske Akademy,* oanpaste en útwreide ferzje fan de útjefte út 1973, Ljouwert, Afûk/Fryske Akademy, 2013, 62 siden, Akademy-nûmer 1071, ISBN 978 90 6273 9592. Priis: € 10,00.

Ingelske grammatika fan it Frysk

Fan de hân fan frisist en nearlandikus Jan Popkema is *Frisian Grammar; The Basics* ferskynd. It is in Ingelske oersetting fan syn earder yn de rige Prisma taalbeheersing ferskynde: *Basisgrammatica Fries*. Geart van der Meer hat de oersetting fersoarge.

Utlis en oefeningen

De *Frisian Grammar* kin op noflike en effektive wize helpe by it learen of opheljen fan de grammatikaregels fan it Frysk. Dy regels wurde op oersichtlike wize útlein. Op de lofterside stiet hieltiten de útlis fan in stikje grammatika en op de rjochterside steane ferhelderjende oefeningen dêroer. De antwurden by de oefeningen steane efteryn it boek. Troch de systematyske opset en it wiidweidige register is de *Frisian Grammar* net allinne goed te brûken om de grammatikaregels fan it Frysk te learen of wer op te heljen, mar ek as neislachwurk.

Skiednis en hjoed-de-dei

Yn de *Frisian Grammar* stiet boppedat in ynlieding mei dêryn in beskriuwing fan de skiednis fan de Fryske taal en fan de hjoeddeistige sitewaasje fan it Frysk yn Nederlân.

Popkema, Jan, *Frisian Grammar; The Basics*, 2013, Afûk/Fryske Akademy, Ljouwert, 144 siden, Akademy-nûmer 1067, ISBN 978-90-6273-945-5. Priis: € 19,50.

Fiif bydragen yn *Genealogysk Jierboek 2013*

It *Genealogysk Jierboek 2013* is yn desimber 2013 útkaam en befettet fiif bydragen. Jan Th.M. Melssen besoarge de genealogy Hachtingius. Dy predikantefamylje hat oer it tiidrek 1620-1680 in fiks pak famyljeoantekenings produsearre. Doe't neikommeling Cornelius Vermees nei Purmerend ferhuze, hat er dat boekwurkje mar meinommen en sa kaam it úteinlik terjochte yn it skepenargyf fan Vessem (Noard-Brabân), dêr't de auteur it goed trije ieuwen letter weromfûn. Stamheit Regnerus Hachtingius kaam yn 1593 út Grins wei nei Ljouwert. Dy syn neikommelingen, meast yn Ljouwert, Dokkum, Starum en Medemblik, binne folge oant likernôch 1750.

Blokmakkers

Fan Otto Schutte ditkear de kertiersteat mei parentelen fan Jan Lammerts van der Veen en Hiske Alberts Vuurman, troud te Harns yn 1784. Mei de rjochte line Van der Veen is it yn 1725 wol besjoen, oare tûken komme om 1600 hinne út yn Harns, Snits, Easterlittens en Dokkum. It hat der in soad fan, dat mei de Harnzer famylje Blok wol sawat alle blokmakkers fan dy stêd yn kaart brocht binne. Oare famyljes yn de kertiersteat binne Gonggrijp, Stinstra, Halbetsma, De Haas en Agema. Spannenburg ûnder Tsjerkgaast tanket de namme oan neikommeling ds. Tjebbe Lases Spannenburg.

Sûnt 1700 wie it tinken dat der fanâlds net mear as ien famylje Rispens west hat. Mei syn bydrage Rispens, de neiteam fan âlde Ulbet - de earste fan in twatal - rommet Kees P. de Boer dy misfetting op. De famylje dêr't it om te rêden is giet werom op (âlde) Ulbet Ulbets, om 1500 hinne te Easterein en Boalsert. Soan Sipcke buorke op Rispens, soan jonge Ulbet op Osingahûs, beide te Easterein. Yn it earstoan is de neiteam benammen te finen yn Hinnaarderadiel en Wûnseradiel, mar begjin 1600 hat ek in flink oantal har al yn ferskillende stêden festige. It is úteinlik in tûke yn Mitselwier dy't yn de 19de ieu noch trochlibbet.

Boerelaach

Ype Brouwers trof yn it 15de-ieuske Wommels sân bruorren en susters oan, bern fan in Mintye Walpert, en besoarge yn in parenteel harren neikommelingskip. Inkeldris dûkt Walpert op as skaainamme; oare nammen binne Swyns, Tallum, Tania, Unia en Goerda. It is oars lang in útsprutsen boerelaach bleaun. Fjouwer generaasjes binne útwurke, wylst foar de fiifde ferwiisd wurdt nei fierdere fynplakken. Fangefolgen binne de measte tûken oant begjin 1600 te folgjen.

Wapens en flaggen

R.J. Broersma levere in priuwke fan wapens, meast 15de ieusk, dy't oerlevere binne op opdrukte segels yn it Histoarysk Sintrum Ljouwert. De âldere wapens toane meast in hûs- of hânmerk. Benammen wapens dy't net of amper bekend binne, binne foar kar naam. It giet om ynwenners fan Ljouwert, mar ek binne bgl. twa wapens Walckema ôfbylde en beskreaun. Fierder yn de bydrage fan de Fryske Rie foar Heraldyk ien besteand en fiif nij-ûntwurpen famyljewapens en de wapens en flaggen fan Boarnburgum, Koartehimmen, Furdgum en Dronryp.

Brouwers, Ype, Anne Hielke Lemstra, Pieter Nieuwland en Jarich Renema; heraldysk meiwurker Rudolf J. Broersma (red.), *Genealogysk Jierboek 2013*, Fryske Akademy/Afûk, Ljouwert, 2013, 314 siden, Akademy-nûmer 1076, ISBN 978 90 6273 971 4. Priis: € 31,50.

De Vrije Fries diel 93

Diel 93 fan *De Vrije Fries* is ferskynd. It jierboek bestiet sûnt 1839 en wurdt sûnt 1955 mienskiplik fersoarge en útjûn troch it Keninklik Frysk Genoatskip foar Skiednis en Kultuer en de Fryske Akademy.

Nij Fries Museum... yn 1952

Op 13 septimber 2013 waard it nije Fries Museum op it Saailân iepene troch keninginne Máxima. Dat like de redaksje in moaie gelegenheid om stil te stean by de lêste kear dat it museum yngeand 'op de schop' gong. Dat wie yn 1952 ûnder direkteur Wassenbergh. Henny de Leeuw beskriuwt de ûntjouwings dy't yn dy tiid yn museumlân spilen.

Argeology en skiednis

Leo Verhart behannelet yn syn stik 'Terug in het land van herkomst. Over archeologen, terpen, ruzies en lege handen' de spande ferhâldings tusken it Rijksmuseum van Oudheden, yn de persoan fan Jan Henrik Holwerda, en it Fries Museum, yn de persoan fan P.C.J.A. Boeles, yn de perioade om 1900 hinne.

Matthijs Gerrits en Hans Mol beskriuwe en analysearje in langduorjende fete tusken abt Agge Thomas fan kleaster Starum/Himmelum en de haadling Iga Galama yn de Súdwesthoeke fan Fryslân oan de ein fan de 15de ieu. Sy sjogge dy fete as it begjin fan de ûndergong fan de midsieuske Fryske Frijheid yn 1498.

Huib Zuidervaart giet yn op it ferskynsel fan de Fryske 'boerenprofessor' út de 18de en 19de ieu. Zuidervaart relativearret it belang fan dy 'autodidakten', dêr't ek Eise Eisinga, bekend fan it planetarium yn Frjentsjer, ta hearde.

Minie Baron beskriuwt yn in tige deeglik artikel hoe't it de oerheid en medisy yn Fryslân tusken likernôch 1700 en 1990 mei hûnsdûmens of rabiës omsprongen binne. Sy beskriuwt hoe't sûnt de 18de ieu previnsje en bestriding organisearre waarden. De effekten op de Fryske befolking wurde ek beskreaun.

Mar ek: Frysk Design

Ekstra omtinken moat frege wurde foar in fernijend artikel fan Bert Looper oer de Fristho meubelmakkerij út Frjentsjer, dy't tusken 1924 en 1970 yn bedriuw wie. Looper lit sjen, dat dat bedriuw healwei de tweintichste ieu ta de top fan Nederlân hearde en sels ynternasjonaal namme makke. Troch de ynfloed fan it designblêd *Goed Wonen* – dat foaral rjochte wie op oare topmerken – is Fristho lykwols folle minder bekend wurden as dat faaks kinnen hie. Looper pleitet dan ek foar in herwurdearring fan Fristho. En hy set oan 'e ein fan syn artikel Fristho ek noch yn de kontekst fan de aktuele diskusje oer Fryske identiteit.

In het midden van de jaren '50 ontwierp de Deense architect William Watting een succesvolle meubellijn onder de naam Modernart. Het meest kenmerkend voor die periode is de opkomst van het modulaire wandmeubel dat als 'roomdivider' kon dienen en plaats bood aan nieuwe apparaten als de televisie (Tresoar, Collectie Fristho, inv. nr. 23) (Bij artikel Looper)

In de jaren '60 vertaalde het eigen ontwerpteam van Fristho de avant-garde ontwerpen van Kho Liang le, Glatzel, Klingenberg en Günter en Brechtmann naar meer commerciële meubels. Belangrijk lid van het eigen team was Marten Franckena die vele bergmeubelen ontwierp in de voor die jaren kenmerkende houtsoort teak (Tresoar, Collectie Fristho, inv. nr. 83) (Bij artikel Looper)

It nûmer befettet fierders de argeologyske kronyk fan Fryslân oer 2012 en it jierferslach fan it Frysk Genoatskip oer 2012.

De redaksje fan *De Vrije Fries* diel 93 bestiet út: dr. Piet Bakker, drs. Marjan Brouwer, dr. Arjen Dijkstra, dr. Johan Frieswijk (skriuwer), drs. Nelleke IJssennagger, drs. Otto Knottnerus, dr. Joop Koopmans (foarsitter), dr. Han Nijdam (einredakteur) en dr. Ernst Taayke.

Nijdam, H., et al. (red.), *De Vrije Fries, diel 93,* Keninklik Frysk Genoatskip foar Skiednis en Kultuer/Fryske Akademy, Ljouwert, 2013, 240 siden, plus 16 yn kleur, Akademy-nûmer 1074, ISBN 978-90-6171-0196. Priis: € 19,50.

Nij dossier oer Katalaansk yn it ûnderwiis

De Regionale Dossiers beskriuwe it funksjonearjen fan in minderheidstaal yn it ûnderwiis yn in bepaalde regio fan Europa.
Op it stuit bestiet de rige út mear as fjirtich dossiers.

Yn 2013 is der wer in dossier útkaam: *Catalan: The Catalan language in education in Spain*. Dat dossier is in update fan it dossier *The Catalan language in education in Catalonia, Spain* en is gearstald troch Maria Areny, Pere Mayans en David Forniès (CIEMEN). Yn it nije dossier wurdt net allinnich sjoen nei it brûken fan it Katalaansk yn it ûnderwiis yn Kataloanje, mar ek yn oare regio's yn Spanje, lykas de Balearen en it gebiet om Valencia hinne.

Trije dossiers yn oantocht

De kommende tiid sille yn alle gefallen noch trije dossiers printe wurde. *The Swedish language in education in Finland (2nd ed.)*, *The Maltese language in education in Malta* en *The Friulian language in education in Italy* binne nammentlik hast klear om nei de printer stjoerd te wurden.

Areny, M., P. Mayans & D. Forniès (2013). *Catalan: The Catalan language in education in Spain*. **Ljouwert/Leeuwarden: Mercator Research Centre, 2013. Priis: fergees. It boekwurkje is del te laden fan de website: www.mercator-research.eu > research & projects > Regional dossiers > Catalan. Wa't graach in papieren edysje hawwe wol, kin dêrta berjocht stjoere oan Ineke Rienks: irienks@fryske-akademy.nl**

Rige dûbeltemanûmers fan tydskrift *It Beaken*

Viglius en Fryslân

Op 7 desimber 2007 organisearren de Fryske Akademy en it Histoarysk Sintrum Ljouwert in sympoasium oer Viglius van Aytta. It wie dat jiers 500 jier lyn, dat dizze ferneamde gelearde en steatsman op Barrahûs ûnder Wurdum berne waard (op 19 oktober 1507). Hy hat fan grutte betsjutting west, net allinnich foar it steatsfoarmingsproses en de Nederlânske opstân, de reformaasje en de kontrareformaasje, mar ek foar it humanisme en de rjochtswittenskip. Op it sympoasium stie de relaasje fan Viglius van Aytta mei Fryslân sintraal.
Fan de lêzings op it sympoasium binne twa bewurke foar dit temanûmer. Oebele Vries hat syn lêzing omwurke ta in aparte publikaasje, dy't yn 2009 ferskynd is; foar dit temanûmer hat er lykwols in nij artikel levere. De gastredaksje bestie út Hanno Brand, Wiebe Bergsma en Paul Noomen.

De ynhâld:
Paul Noomen, 'Viglius van Aytta en Friesland'.
Folkert Postma, 'Tussen Brussel en Leeuwarden. Viglius van Aytta en Friesland (1542-1577)'.
Paul Noomen, 'Eigenerfd of edel? Naar aanleiding van de afkomst van de Aytta's'.
Oebele Vries, 'Kom hier, Muze, je moet ver weg naar Friesland'. De relatie van de 'gens Nicolaia' met Viglius en Friesland'.

It famylje-argyf Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen as boarne foar eliteûndersyk

Op Tresoar binne argiven fan foarname famyljes, dy't foar it eliteûndersyk yn Fryslân fan grut belang binne. Ien dêrfan is dat fan de famylje Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen (dat yn 1923 oan it eardere Ryksargyf oerdroegen is). Der wie wol in ynventarisaasje fan dat argyf, mar dy wie net mear neffens de easken dy't de moderne ûndersiker deroan stelle mei. Dêrom is der troch Barteld de Vries in nijen ien makke, dy't yn 2008 ree kaam. By gelegenheid dêrfan wie der in sympoasium, dêr't ynbûne eksimplaren fan de ynventaris oan neisieten fan de famyljes oanbean binne. De lêzings op dat sympoasium binne om- en útwurke ta de artikels fan dit temanûmer. De gastredaksje bestie út Hanno Brand en Bert Looper.

De ynhâld:
Barteld de Vries, 'Voorwoord'.
Barteld de Vries, 'Het familiearchief Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen'
S. Groenveld, 'Philip Ernst Vegelin van Claerbergen (1613-1693). Secretaris, hofmeester en raadsheer in dienst van de vorsten van Nassau-Dietz'.
Rita Mulder-Radetzky, 'Het familiearchief Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen als rijke bron voor beeldmateriaal over huizen en tuinen van de Friese adel'.
Eric Ketelaar, 'Ten dienste van ons geslacht'. 'Familiearchieven als erfgoed in Florence, Engeland en de Republiek, van Renaissance tot Gouden Eeuw'.

Oer de betsjutting fan teology yn it publike domein

Yn de 19de ieu waarden der gâns genoatskippen oprjochte, dy't as doel hienen om wittenskiplike en oare relevante kennis te dielen. Se wienen der op ferskate fakgebieten, lykas dat fan de teology. De measte genoatskippen binne der wilens net mear. Yn Fryslân hawwe wy lykwols noch it 'Frysk Genoatskip' en it 'Fries Godgeleerd Gezelschap' (FGG). By it FGG komme alle moannen 25 teologen en oare wittenskippers byinoar, om faninoar te learen op it mêd fan bibelwittenskip, tsjerkeskiednis, dogmatyk en praktyske fragen. Dat dit selskip yn 2014 it 175-jierrich bestean fiere koe, is in unikum. Op freed 14 febrewaris wie der in feestlike jubileumgearkomste yn de Ministetsjerke te Ljouwert, mei in sympoasium. It tema wie 'Van blijvende waarde? Over de betekenis van theologie in het publieke domein'. Sprekkers wienen biskop Gerard de Korte, professor Ed Noort en professor Henk de Roest, allegear mei sterk noardlike en/of Fryske konneksjes. Op elk fan har lêzings – binnen it FGG "een grote werkzaamheid" neamd – waard troch leden fan it FGG – yn har rol fan "criticus" – in reaksje jûn. It nûmer begjint mei in oersjoch fan de skiednis fan it FGG, fan de hân fan (Akademy-lid) Jan Dirk Wassenaar, dy't ek it dy middeis presintearre jubileumboek skreaun hat. De lêzings fan it sympoasium en de krityske reaksjes derop ferskine, yn útwurke foarm, yn dit temanûmer. De gastredaksje bestie út Emke Jelmer Keulen en Henk Kuindersma.

De ynhâld:
Emke Jelmer Keulen en Henk Kuindersma, 'Voorwoord'.
Jan Dirk Th. Wassenaar, 'Het Fries Godgeleerd Gezelschap 1838-2013'.
Ed Noort, 'In de smederij van het geloof. Over het omgaan met bronnen en tradities in de 21e eeuw'.
Liuwe H. Westra, 'De hitte van de smidse: Joden, kerkvaders en Lollumers als leidslieden op de zoektocht naar een bijbels geloof. Een reactie op Ed Noort'.
Gerard J.N. de Korte, 'De toekomst van christelijk geloof en theologie in Nederland. Een rooms-katholieke visie'.
Harmen Jansen, 'Theologie in het publieke domein: een pleidooi voor wilde ganzen'.
Henk P. de Roest, 'In de werkplaats van de gemeente. De toekomst van de theologie in een tijd van nieuwe missionaire creativiteit'.
Edna Zwerver en Emke Jelmer Keulen, 'De werkplaats van de gemeente onder de loep. Een reactie op de bijdrage van Henk de Roest'.

De nûmers beslute, lykas wenst, mei biografyske ynformaasje oer de auteurs.

Mei dizze temanûmers wurde de jiergongen 74 (2012) en 75 (2013) fan *It Beaken* ôfsletten. De efterstân dy't yn de rin fan de jierren ûntstien wie, is dêrmei ynrûn. It earste 'reguliere' nûmer fan *It Beaken* yn in lang skoft wurdt nûmer 1 (of 1/2) fan jiergong 2014.



Brand, H. e.o., *It Beaken, Tydskrift fan de Fryske Akademy*. Jiergong 74, 2012, nûmer 3-4. temanûmer *Wigle van Aytta (1507-1577)/Viglius van Aytta (1507-1577)*, 118 siden. Priis: € 17,50.

Brand, H. e.o., *It Beaken, Tydskrift fan de Fryske Akademy*. Jiergong 75, 2013, nûmer 1-2. temanûmer *It famylje-argyf Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen as rike boarne foar it eliteûndersyk yn Fryslân/Het familiearchief Van Eysinga-Vegilin van Claerbergen als rijke bron voor het eliteonderzoek in Fryslân*, 92 siden. Priis: € 17,50.

Brand, H. e.o., *It Beaken, Tydskrift fan de Fryske Akademy*. Jiergong 75, 2013, nûmer 3-4. temanûmer *Van blijvende waarde? Over de betekenis van theologie in het publieke domein. Special bij het Jubileumsymposium 175 jaar Fries Godgeleerd Gezelschap*, 123 siden. Priis: €17,50.

Priis: € 45,00 foar in abonnemint (jiergong).

Nije edysje Benefisjaalboeken

Oan de ein fan in stúdzjedei op freed 18 oktober 2013 is in nije útjefte fan de *Beneficiaalboeken van Friesland* presintearre. Deputearre Sietske Poepjes koe it earste eksimplaar yn ûntfangst nimme.

Yn 1850 ferskynde in foliant-útjefte fan de Benefisjaalboeken, dêr't generaasjes fan Fryske gelearden mei wurke hawwe. Der wie lykwols grut ferlet fan in nije edysje, om in bettere tekst foar hannen te hawwen, dy't ek digitaal trochsocht wurde kin. Dat kin no mei de bylevere cd-rom.



Ut it Benefisjaalboek fan Idaarderadiel.

It giet by de Benefisjaalboeken fan Eastergoa, Westergoa en Sânwâlden om registers mei detaillearre ynformaasje oer de grutte, wearde, neistlizzers en jierlikse opbringst fan it geastlik goed en it fermogen fan de Fryske parochystsjerken, har betsjinners en alle oare geastlike ynstellings, prysters en klearisy, dy't oan dy tsjerken ferbûn wiene. Se binne foar sawat trijefjirdepart fan de Fryske stêden en doarpen bewarre bleaun. Se waarden opmakke yn 1543 op befel fan de lânfâdes keninginne Maria fan Hongarije, dy't doe yn Brussel residearre, om in idee te krijen oft de tsjerklike administraasje yn Fryslân goed op oarder wie en oft der gjin jild oer de balke smiten waard.

Wrâld oan ynformaasje

It binne unike boarnen, om't se foar gjin inkeld oar gewest yn de Nederlannen makke binne en der foar oare provinsjes ek gjin ferlykbere ynventarissen besteane. Se befetsje in wrâld oan nammen, lânprizen, prystergegevens, patroanhilligen en oare ynformaasje oer de doe noch folslein yntakte organisaasje fan de katolike tsjerke. De útjefte is foarsjoen fan in lange ynlieding, dêr't de opset en de eftergrûn fan de boarne yn taljochte wurdt. Neist in literatuerlist is ek in glossarium plus in list fan de yn de tekst foarkommende muntsoarten en har globale wearde opnommen. De betsjutting fan de boarne foar de ûnderskate fakgebieten wurdt lykwols apart behannele.

Meer, P.L.G. van der en Mol, A.J., *De Beneficiaalboeken van Friesland*, 1543, Afûk, Ljouwert, 2012, 1070 siden en cd-rom, Akademy-nûmer 1069, ISBN: 978 90 6273 964 6. Priis: € 75,00.

Jubileumboek foar 175-jierrich selskip

Het Fries Godgeleerd Gezelschap hat har 175-jierrich bestean fierd op freed 14 febrewaris. Tagelyk kaam der in boekwurk út oer it selskip, skreaun troch (Akademy-lid) dr. Jan Dirk Wassenaar: *Het Fries Godgeleerd Gezelschap 1838-2013.*

Op 19 oktober 1838 rjochten sân jonge herfoarme dûmnys it Fries Godgeleerd Gezelschap (FGG) op. Noch altiten komme leden fan de rûnte op alle earste freden fan de moanne byinoar, om harren oer teologyske fraachstikken te bûgen.

Net allinne teologyske kwestjes

Yn it earste part fan it jubileumboek beskriuwt âld-lid en âld-sekretaris dr. Jan Dirk Wassenaar de nijsgjirrige skiednis fan it FGG. Yn it twadde diel jout er in oersjoch fan wat der yn de rin fan de tiid yn de rûnte bepraat is. De godgelearden hawwe net allinne oer gâns teologyske kwestjes diskusjearre. Tsjerklike, wiisgearige en maatskiplike ûntjouwings binne likemin oan harren foarby gien.

Wassenaar, Jan Dirk, *Het Fries Godgeleerd Gezelschap 1838-2013*, Afûk/Fryske Akademy, Ljouwert, 2014, 280 siden, Akademy-nûmer 1075, ISBN 978 90 6273 972 1. Priis: € 27,50.

Nije edysje

Woordeboek fan 't Bildts

De nije edysje fan it *Woordeboek fan 't Bildts* is freed 15 novimber 2013 presintearre yn de Groate Kerk fan Sint Jabik. Dêrby binne lêzingen holden troch Sytse Buwalda oer 'De history fan 't woordeboek' en drs. Hindrik Sijens: "n Woordeboek fan generasys en geslachten'.

It Woordeboek fan 't Bildts is in twadde, ferbettere en oanfolle, edysje fan it wurdboek fan 1996, dat ûnderwilens alwer jierren útferkocht is. Sytse Buwalda hat de teksten op 'e nij troch west en leksikograaf Hindrik Sijens fan de Fryske Akademy hat de einredaksje fersoarge. Yn de nije útjefte is ek it staveringsboekje *Hoe skrive wy 't in 't Bildts?* opnommen. It wurdboekpart bestiet út twa dielen: in wurdboek Biltsk-Nederlânsk en in yndeks Nederlânsk-Biltsk. Yn it earste part wurdt de Biltske wurdskat beskreaun. Neist de moderne wurden wurde ek gâns âldere wurden, dy't in byld jouwe fan it eardere Bilt, behannele. Alde bernespultsjes, it âlde ambacht en lânwurk krije har gerak. De wurdboekartikels wurde yllustrearre mei foarbylden, taaleigen en sprekwurden. It *Woordeboek fan 't Bildts* telt likernôch 650 siden.

op –, ergens naar solliciteren; *'t ergens met te – hè*, ergens aan lijden, ook: zich iets aantrekken; *ergens niks met, onder te – hè*, zich ergens niets van aantrekken; *met Dúts het-y niks te –*, Duits levert voor hem geen enkele moeilijkheid op; *dat doet mij niks*, dat zegt mij niets; *– dat*, de oorzaak zijn dat; *ergens in –*, ergens in handelen. Fries: *dwaan*.
'doende, adj. & adv. [duəndə]. Doende, bezig. ◊ *– weze*, bezig zijn; *ergens met – weze*. Fries: *dwaande*.
doene → *doen*.
'doerak, s. de [duːərak] *-ken*; *-ky*. Doerak. ◊ *Jan waar as jongetsy 'n klaine –*. Fries: *doerak*.
does, s. de [dus] *-en*. Douche. Fries: *dûs*.
'doese, v., *doeste*; *doest*. Douchen. Fries: *dûse*.
'doeskabine, s. de, *-s*; *-kabyntsy*. Doucheca-bine. Fries: *dûskabine*.
doe't, conj. [duət]. Toen. Fries: *doe't*.
dof, adj. & adv. [dɔf] *-fer*; *-st*. Dof. ◊ *In –fe berusting*. Fries: *dof*.
'doffert, s. de [dɔfər] *-s*; *-sy*. Doffer, mannetjesduif. ◊ *Sille wij 'n – en 'n dúffy?*, vroeger raadseltje, waarbij een gezin geraden
dol, adj. & adv. [dɔl]
nen; zeer dwaas, ma
op goed geluk. Fries:
'dolderploeg, s. de [
schaaf om groeven in
ook: *ferken*.
dole'ânsy, s. de [do
Fries: *doleânsje*.
do'lere, v. [doːliːərə] *d*
leren. Fries: *dolearje*.
dolk, s. de [dɔlk] *-en*;
schalm van het haa
vast te maken. **2** Do
dolk. Zie ook: *gek, lo*
dom, adj. & adv. [do
Soa – as oaly, 't ach
ezel. Fries: *dom*.
do'mein, s. 't [doːmei
domein.
dome'nere, v. [doːm
domeneerd.
'domeny, s. de
[doːmni] *-s*. **1** Domi
Fries: *dominy*.
'domenyhoutsy, s.
Fries: *dominyshouts*
'domenyspeule, v.,
euld. Domino
nyspul, s. 't;
Fries: *dominys*
ere, v. [domin
erd. **1** Domi
neren, domin
e.
ily, s. 't [d
: *domisylje*.

Woordeboek fan 't Bildts; Tweede ferbeterde en anfulde edisy, H.S. Buwalda †, S.H. Buwalda, A.C.B. van der Burg en H. Sijens (eandredaksy). HDU, St.-Anne, 2013, 650 siden, Akademy-nûmer 1064, Rige Fryske dialektstúdzjes diel 11, ISBN 978-90-811968-0-2. Priis: € 38,95 (te keap by Drukkerij Hoekstra yn Sint Anne). www.hdu.nl - tel. (0518) 40 12 28

Nienke Boomstra promovearre

Taalfeardichheid ferbetteret by foarlêzen fan Antilliaanske pjutten

Nienke Boomstra hat ûndersyk dien nei de resultaten fan it taalyntervinsjeprogramma 'Meer Taal, Meer Kans', dat sûnt 2009 útfierd is yn Ljouwert en Rotterdam. De yntervinsje wie rjochte op it troch middel fan foarlêzen oanlearen fan feardichheden fan Antilliaanske memmen om de taalûntjouwing fan pjutten te stimulearjen yn sawol it Papiamentsk as it Nederlânsk. De ûndersykster promovearre op har ûndersyk op moandei 3 maart 2014 yn de Martinitsjerke te Frjentsjer.

De foarlêsopfettings fan de dielnimmende Antilliaanske memmen binne posityf en mar op in pear ûnderdielen minder posityf as dy fan in kontrastgroep fan heech oplate Nederlânske memmen, sa konkludearre Nienke Boomstra. Wat de twataligens oanbelanget, falt op, dat de measte húshâldings in foarkar hiene foar de Nederlânske taal, wylst de yntervinsje in twatalich karakter hie.

Fariaasje yn wurdskat

Boomstra fûn statistyske relaasjes tusken it oanpart fan de dielname yn de yntervinsje, positive ynteraksje en it oandiel fan it bern yn it petear. It die ek bliken, dat bern út húshâldings mei mear húsbesiken mear fariaasje yn harren wurdskat sjen lieten. Hoewol't beheiningen oangeande de kontekst en it ûndersyksûntwerp grutte gefolgen hiene foar de ynterpretaasje, docht wol bliken dat it ûndersyk nijsgjirrige kombinaasjes fan groeps- en prosesgegevens opsmiten hat. Dy kinne tapast wurde yn ferskate (yntervinsje)omjouwings.

Nienke Boomstra (Skylge, 1984) die har promoasjeûndersyk, as meiwurker by de Fryske Akademy en de Rijksuniversiteit Groningen, ôfdieling Psychologie, Onderzoekschool VNOP. It ûndersyk waard finansjeel stipe troch de gemeente Ljouwert en de gemeente Rotterdam.

Boomstra, Nienke, *Read all about it! Parental beliefs, Interaction trajectories, and Language use of Antillean families involved in 'More Languages, More Opportunities'.* Fryske Akademy/Afûk, Ljouwert, 2014, Akademynûmer 1077, 186 siden. ISBN 978 90 6273 974 5. De dissertaasje is online te finen: http://irs.ub.rug.nl/ppn/371352835

Foto: Nelly Groenveld-Hoogland.

Promoasje Jelske Dijkstra yn Frjentsjer

Frysk-learen stiet learen fan Nederlânsk net yn ’t paad

It oanlearen fan it Frysk hat gjin negative gefolgen foar it learen fan it Nederlânsk. Dat docht bliken út it promoasjeûndersyk fan Jelske Dijkstra dat se de ôfrûne jierren oan de Fryske Akademy útfierd hat. Se ferdigene har ûndersyk op tongersdeitemiddei 10 oktober 2013 oan ’e Universiteit van Amsterdam (UvA) en die dat yn de Martinitsjerke fan ’e eardere Akademystêd Frjentsjer. It wie foar it earst dat der in promoasje fan ’e UvA yn Fryslân plakfûn. De promovenda ûndersocht de rol fan taaloanbod (input) by it learen fan ’e minderheidstaal Frysk en ’e mearderheidstaal Nederlânsk by pjutten yn Fryslân.

Midden yn taalwinningsproses

‘De útkomsten fan it ûndersyk binne wichtich foar âlders dy’t harren bern yn it Frysk grutbringe en harren ôffreegje oft harren bern op ’e basisskoalle begjinne mei in efterstân yn it Nederlânsk’, neffens Jelske Dijkstra. Sy ûndersocht de passive en aktive wurdskat en hoe lang oft de sinnen yn wat bern sizze trochinoar yn it Frysk en it Nederlânsk binne, by bern fan 2,5 oant 4 jier âld. It hat bliken dien, dat pjutten dy’t mei it Frysk grutbrocht wurde, by it begjin fan ’e basisskoalletiid likefolle Nederlânske wurden begripe (passive wurdskat) en yn it Nederlânsk like lange sinnen meitsje as bern dy’t allinne mei it Nederlânsk opbrocht wurde. Wat harren aktive wurdskat (it tal wurden dat se yndied ek brûke) yn it Nederlânsk oanbelanget, prestearje se noch net op itselde nivo as de Nederlânsktalige bern fan harren leeftyd. Dat komt, om’t se noch midden yn it taalwinnings-proses fan it Nederlânsk sitte. Yn it Frysk skoare de Frysktalige bern op sawol (passive en aktive) wurdskat as lingte fan ’e trochsneed sin krektoarsom heger as de bern dy’t fan-hûs-út Nederlânsktalich binne. Dat ferskil wurdt grutter neigeraden dat de bern âlder wurde.

Ynhelslach

‘Earder ûndersyk hat útwiisd, dat bern der likernôch fiif oant sân jier oer dogge, om in twadde taal oan te learen. Om dy reden is it net realistysk om te ferwachtsjen, dat bern mei it Frysk as thústaal by it begjin fan ’e basisskoalletiid al like fier binne wat it learen fan it Nederlânsk oanbelanget as de bern fan harren leeftyd út Nederlânsktalige húshâldings’, seit de ûndersykster. ‘Fierder hat ûndersyk by âldere bern oantoand, dat Fryske bern yn groep 4 deselde skoares yn it Nederlânsk hawwe as bern yn ’e rest fan Nederlân. It leit dan ek yn ’e reden, dat de Frysktalige bern tsjin dy tiid harren ynhelslach dien makke hawwe’. De útkomsten fan Jelske Dijkstra har ûndersyk slute oan by dy fan ûndersyk yn Wales (Gathercole en Thomas, 2009) nei it learen fan ’e minderheidstaal Welsh en ’e mear-derheidstaal Ingelsk.

Publikaasje

Jelske Dijkstra: *Growing Up with Frisian and Dutch. The Role of Language Input in the Early Development of Frisian and Dutch among Preschool Children in Friesland*. Promotoaren prof.dr. Folkert Kuiken (UvA) en prof.dr. René J.J.M. Jorna (Fryske Akademy/ RuG). Ko-promotor dr. Edwin L. Klinkenberg (Fryske Akademy). Wa’t mear witte wol oer it ûndersyk, kin in Nederlânsktalige gearfetting fine op ynternet: http://lyt.sr/ux1v0

Jelske Dijkstra hat lykwols ek noch in stikmannich papieren Ingelsktalige útjeften fan it proefskrift beskikber. Wa’t dêr ynteresse foar hat kin kontakt opnimme mei har fia: jdijkstra@fryske-akademy.nl

Jelske Dijkstra hat de doctorstitel fertsjinne, paranimf Grytsje Schaaf, pedel Annelies Dijkstra en ko-promotor Edwin Klinkenberg sjogge ta.

Trije tema’s sintraal yn proefskrift Otto Roemeling

It parochywêzen yn Noard-Nederlân

Otto D.J. Roemeling (Beetstersweach, 1937) is op woansdei 18 desimber 2013 oan de Universiteit Leiden by prof.dr. Hans Mol promovearre op it proefskrift: *Heiligen en Heren; studies over het parochiewezen in het Noorden van Nederland vóór 1600.*

Op de omslach fan de dissertaasje fan Otto Roemeling binne in hillige, in tsjerke en in pryster te sjen. Dy steane symboal foar de trije sintrale tema’s fan de publikaasje. De hillige ferwiist nei de firtuele eigner fan de tsjerke. Fan in soad protestantske tsjerken is de namme fan de skutspatroan fan foar de Reformaasje net altiten mear of goed bekend. Omdat kennis dêrfan bydrage kin oan de delsettings- en kultuerskiednis, is in krekte identifikaasje fan grut belang. Foar de trije noardlike provinsjes is dêrta yn in grut haadstik ynformaasje út alle mooglike boarnen sammele en op betrouberens toetst. It docht bliken, dat út ôfbyldings op segels en klokken in soad nije gegevens ôflaat wurde kinne.

Parochytsjerken en kleasters

De tsjerkeôfbylding stiet foar in aparte stúdzje nei de relaasje tusken parochytsjerken en kleasters. Yn de iere midsieuwen krigen abdijen dy’t as thúsbasis fan sindelingen as Bonifatius fungearren in soad tsjerken yn it Noarden. Harren rjochten kamen nei 1150 geandewei yn hannen fan de doe stifte lânseigen kleasters, dy’t dêrby sels ek rjochten op oare tsjerken krigen. Utsocht wurdt oft dy akwisysjes troch de biskoppen befoardere waarden en oft de ferskate kleasteroarden dêrby in eigen polityk folgen. Fierder wurdt neigien oft de biskoppen fan Utert en Münster dêrby oars te wurk giene.

De pryster yn Fryslân

It tredde tema is dat fan de pryster yn Fryslân en syn posysje. Wat wie syn eftergrûn en wat moast er dwaan om wijd, beneamd en yn it besit fan in benefysje steld te wurden? Hokker rol spilen syn karhearen dêr by? Yn fiif bydragen komt oan de oarder hoe’t de wijingsproseduere yn Utert yn de praktyk gie, hoe’t de opdracht ta sielesoarch troch de aartsdiaken of in oar ferliend waard, hoe’t de lânshear him mei it rjocht op beneaming bemuoide, en yn hoefier’t de sintrale oerheid it hâlden en dragen fan de prysters echt kontrolearre.

Fierder hat Roemeling neigien út hokker fermiddens oft de prysters kamen en hoefolle fan harren oft in akademyske oplieding folge hiene. Mei dit alles levert dit proefskrift basismateriaal oan foar it bepalen fan it sterk lokale karakter fan de midsieuske tsjerke fan it Noarden fan Nederlân.
De taheakke by it proefskrift Heiligen en Heren is ûnderwilens ek te finen op de website fan de Fryske Akademy: www.fryske-akademy.nl > utjeften > online-publikaasjes > skiednis > Heiligen en Heren. It befettet it korpus gegevens oer patroanhilligen en prysters yn de parochys fan Fryslân fóár 1600.

Ekonomy

Otto Roemeling studearre fan 1955-1961 ekonomy oan de Rijksuniversiteit Groningen en wie dêrnei wittenskiplik meiwurker oan it Instituut voor Economisch Onderzoek fan dy universiteit. Fan 1969 oant en mei 1994 hat er lid west fan de direksje fan it Diakonessehûs yn Ljouwert, dat letter opgien is yn it Medisch Centrum Leeuwarden (MCL). As lêste hat er lid west fan de Rie fan Bestjoer fan dat sikehûs. Dêrneist en dêrnei publisearre er genealogyske en tsjerkhistoaryske bydragen.

Roemeling, Otto Derk Jan, *Heiligen en Heren; studies over het parochiewezen in het Noorden van Nederland vóór 1600*, Afûk, Ljouwert, 2013, 469 siden en mei cd-rom, Akademy-nûmer 1070. ISBN 978 90 62739 68 4. Priis: € 29,50.

Akademy-publikaasjes kinne jo keapje fia www.afuk.nl

Komme en gean

Direksje

Dr. Hanno Brand is mei yngong fan 5 desimber 2013 beneamd as direkteur-bestjoerder fan 'e Fryske Akademy. Brand folget dêrmei prof. dr. Reinier Salverda op, dy't mei yngong fan dy datum mei pensjoen gie. Lês mear oer de direkteure-wiksel op 'e foarside, side 2 en 13 fan dit nûmer fan *Ut de Smidte*.

Algemiene Saken

Andries van Weeren wurket mei yngong fan 1 jannewaris 2014 op 'e ôfdieling ICT. Andries sil him dwaande hâlde mei de Taaldatabank en it online Frysk wurdboek.
Richard de Boer is op 1 maart 2014 begûn as kommunikaasjemeiwurker. De Boer folget dêrmei **Tjeerd Rintjema** op, dy't nei goed 3½ jier ôfskied naam fan 'e Fryske Akademy, om oan 'e slach te gean as meiwurker Marketing & Kommunikaasje by it Fries Museum.

Sosjale Wittenskippen

Yn tsjinst:

Dr. Jelske Dijkstra wurket sûnt 1 jannewaris 2014 as sekretaresse by it EBLT (Europeesk Buro foar Lytse Talen).
Drs. Ramziè Krol-Hage har staazje wie ôfrûn op 3 augustus 2013. Mei yngong fan 27 jannewaris 2014 hat sy in oanstelling by Boppeslach krigen. Oant 31 desimber 2014 sil sy by dat projekt oan 'e slach as ûndersyksassistint.
Drs. Paula van Zwol is op 3 febrewaris 2014 út ein set as testassistint by it promoasje-ûndersyk fan Evelyn Bosma.
Drs. Marit Bijlsma is op 24 febrewaris 2014 út ein set as projektwinner.

Ut tsjinst:

Promovendus **Nienke Boomstra** har kontrakt rûn ôf op 1 july 2013. Op moandei 3 maart 2014 is sy promovearre op it proefskrift Read all about it! *Parental beliefs, Interaction trajectories and Language use of Antillean families involved in 'More Languages, More Opportunities'*, yn 'e Martinitsjerke te Frjentsjer. Lês dêr mear oer op side 9 fan dit nûmer fan *Ut de Smidte*.
Drs. Jan van der West hat op 1 novimber 2013 ôfskied nommen fan 'e FA en wurket no by it DANS (Data Archiving and Networked Service) yn Den Haach as Projekt Akwisysje Manager.
Drs. Reina van der Meer hat op 1 novimber 2013 ôfskied nommen as sekretaresse by it EBLT (Europeesk Buro foar Lytse Talen).
Drs. Jildou Popma har kontrakt foar it Baskeprojekt is ôfrûn op 1 jannewaris 2014.

Dr. Henk Bloemhoff

Taalkunde

Yn tsjinst:

Dr. Henk Bloemhoff wurket sûnt septimber 2013 as gastûndersiker by leksikografy oan it Stellingwerfsk wurdboek en it Aldfrysk.
Mr.dr. Hylkje de Jong wurket sûnt 1 septimber 2013 as gastûndersiker by it Aldfrysk oan it Freeske Landriucht of Alde Druk út ± 1485.
Gerbrich de Jong, Rianne Blokzijl en Geart Tigchelaar ferliene sûnt oktober-novimber 2013 stipe oan it projekt Taalweb.

Ut tsjinst:

Stipeferlienster **Wytske Rijpma** is begjin septimber 2013 mei pensjoen gien.

Prof. dr. Salverda is tige wiis mei de feestbondel De tienduizend dingen.

Frijwilligers

Janna de Jong wurket sûnt 1 augustus 2013 as frijwilliger by de lede-administraasje.
Wytske Rijpma wurket sûnt 6 septimber 2013 as frijwilliger oan 'e digitalisearring fan 'e Estrikken en by it projekt Taalweb.

Stazjêres

Rixt Weiland, studinte Pedagogyk oan 'e Rijksuniversiteit Groningen, is op 3 febrewaris 2014 út ein set as stazjêr by it promoasje-ûndersyk fan Evelyn Bosma.
Nienke Holwerda, studinte Kommunikaasje oan 'e Hanzehogeschool Groningen, docht fan 3 febrewaris ôf in ûndersyk nei de identiteit fan 'e Fryske Akademy en sil ek oanbefellings foar it imago dwaan.

Ut tsjinst:

Jurjen Kingma, master-studint Applied Linguistics oan 'e Rijksuniverisiteit Groningen, koe syn staazje – in ûndersyk nei taalfeardigens fan learlingen út it meartalich fuortset ûnderwiis – ôfrûnje op 26 july 2013.

Prof.dr. Reinier Salverda mei pensjoen

Direkteur-bestjoerder prof.dr. Reinier Salverda waard op 5 novimber 2013 fiifensechstich jier en koe begjin desimber – nei sân en in heal jier Akademy – mei pensjoen.

Op freed 29 novimber waard in ôfskiedssympoasium holden yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint: 'Fryslân en de wrâld'. Der waarden fjouwer lêzings holden: troch prof. Itesh Sachdev (SOAS, University of London), kollega-direkteur prof.dr. Marjan Schwegman fan it NIOD, de krekt-promovearre dr. Jelske Dijkstra en prof.dr. Hans Mol. Salverda waard fierder troch waarnimmend direkteur-bestjoerder dr. Hanno Brand bliid makke mei it lidmaatskip fan de Fryske Akademy. Hy krige dat fanwegen syn fertsjinsten op it mêd fan de wittenskip en foar de Fryske kultuer en fanwegen syn grutte, oanhâldende niget oan de wittenskip en de Fryske kultuer yn it algemien.

Fan de fakulteit Geasteswitten-skippen fan de Universiteit van Amsterdam wie der ek in ferrassing foar de skiedende direkteur: de fakultêre earepeinje. Dekaan Frank van Vree joech dêr by oan dat Salverda foar de fakulteit in treflike, trouwe en bysûndere gearwurkingspartner west hat, mei as resultaat in stevige ferankering fan ûnderwiis en ûndersyk oan de fakulteit.

De tienduizend dingen

Salverda krige ek noch in feestbondel oanbean: *De tienduizend dingen.* De bondel befettet 32 bydragen oangeande literatuer, skiednis, taalkunde en meartaligens. Kollega's út binnen- en bûtenlân – ek út Yndonesië en Londen, dêr't Salverda jierrenlang wurke hat – hawwe meiwurke oan de bondel, ûnder mear de histoarikus Jonathan Israël, taalkundige Eric Reuland en filologe Lut Missine.

Earepeinje

De leden en stipers koene op tongersdeitemiddei 12 desimber ôfskied nimme fan Reinier Salverda en tagelyk yn 'e kunde komme mei de nije direkteur: Hanno Brand. Njonken in bydrage fan de skiedende en nije direkteur, wie der in presintaasje fan Meinte Engelmoer fan it Biologysk Wurkferbân. Op dizze middei wie der ék noch wat spesjaals foar Salverda; hy krige de earepeinje fan de Fryske Akademy foar syn krewearjen foar de Fryske taal en kultuer en de ferbettering fan it akademysk klimaat yn Fryslân.

Brand, Hanno; Ben Groen, Eric Hoekstra en Cor van der Meer, *De tienduizend dingen,* Ljouwert, 2013, 501 siden, Akademy-nûmer 1075, ISBN 978 90 62739 67 7. Priis: € 39,90.

Wizigings yn Akademy-gremia

De lêste tiid hawwe der frijwat wikselings west yn de ferskate Akademy-gremia.

Rie fan Tafersjoch

Foarsitter **Marten Koopmans** naam nei twa sittingsterminen begjin july 2013 ôfskied fan de Rie fan Tafersjoch. **Eric Reuland** naam nei twa perioaden ek ôfskied, mar hy set syn krewearjen foar de Fryske Akademy fuort by de Wittenskipskommisje, fan 1 oktober 2013 ôf. Fan 1 oktober 2013 ôf is **Jacob Fokkema** de nije foarsitter fan de Rie fan Tafersjoch. Hy wie gjin ûnbekende yn it Akademy-fermidden, want de lêste jierren hat er foarsitter west fan de Wittenskipskommisje. Fierder hat **Fred Weerman** – ek ôfkomstich út de Wittenskipskommisje – in sit krigen yn de Rie fan Tafersjoch.

Wittenskipskommisje

Nei it oerstappen fan Weerman en Fokkema, is **Anthonya Visser** fan ein novimber ôf de nije foarsitter fan de Wittenskipskommisje. Frou Visser wie begjin maart 2013 krekt foar in twadde termyn beneamd yn dy kommisje. Lykas hjirfoar neamd, hat Eric Reuland – ôfkomstich fan de Rie fan Tafersjoch – sûnt de hjerst in sit krigen yn de Wittenskipskommisje. It oare nije lid dat sûnt oktober aktyf is, is **Klaas van Berkel**.

Maatskiplike Advysrie

Krekt foar de simmer fan 2013 hat **Piet Visser** ôfskied naam as foarsitter fan de Maatskiplike Advysrie fan de Fryske Akademy. **Theunis Piersma** naam de foarsitterstaken waar oant 1 maaie 2014, doe't **Geart Benedictus** foarsitter waard. De Maatskiplike Advysrie hat fierder sûnt 15 septimber fersterking krigen fan **Maaike Andringa**, **Rikus Sinnema**, **Steven Sterk** en **Jan de Vries**.

Undernimmingsrie

Mei yngong fan july 2013 bestie de ûndernimmingsrie fan de Fryske Akademy út: drs. Pieter Duijff (foarsitter), **Truus de Vries MA** (skriuwer), **Corina van Dijk** (fise-foarsitter), **Mettje de Vries** en **drs. Jan van der West**. Fan **dr. Siebren Dyk** waard nei twa sittingsterminen ôfskied nommen. Earder wie al ôfskied naam fan **Piter Boersma**, dy't mei pensjoen gie. Yn novimber 2013 liet Jan van der West in sit efter, om't er in oare baan krige. Mei de komst fan **Richt Sterk MA**, yn febrewaris 2014, is de ûndernimmingsrie wer op folle sterkte.

Prof.dr. René Jorna (1953-2013)

Nei in tiid fan siik-wêzen is prof. dr. René Jorna op 27 septimber 2013 ferstoarn op 60-jierrige leeftyd. René Jorna wie sûnt 2009 ferbûn oan 'e Fakgroep Sosjale Wittenskippen as haad. Yn de betinkingstsjinst op sneon 5 oktober yn 'e Dorpskerk fan Haren, hat waarnimmend direkteur-bestjoerder dr. Hanno Brand in taspraak holden. Dy taspraak nimme wy hjirby op yn *Ut de Smidte,* by wize fan oantinken oan René Jorna.

'Velen onder u zullen de afgelopen jaren interessante en indringende discussies met René hebben gevoerd. Toen ik René leerde kennen in 2009, viel me in de gesprekken al snel een zekere structuur op. Zijn gedachten gingen zo snel, dat hij over zijn woorden struikelde, omdat hij, voordat hij het einde van een zin had bereikt, al op een andere ingeving stuitte. Het gesprek sloeg op zulke momenten ineens een zijpad in, maar de wandeling op dat pad werd steevast voortijdig afgesloten met de opmerking: "maar dat is een andere discussie". Vervolgens nam René de draad van zijn betoog weer op.

In die gesprekken toonde René niet alleen zijn gedrevenheid, maar ook de intense wens om zijn gelijk te halen. Hij was immers intelligenter dan zijn omgeving en had veel meer ervaring dan al dat volk om hem heen; of het nu promovendi, doctores of hoogleraren waren.
Die houding heeft onder zijn directe collega's de afgelopen jaren weleens irritatie opgewekt en in een enkel geval meer dan dat. Het laatste anderhalf jaar is zwaar geweest, omdat er botsingen ontstonden, die alle betrokkenen, inclusief René, veel pijn hebben gedaan.
Maar er was ook een andere kant. Een a-selectieve steekproef onder het personeel – u weet dat René gek was op dit soort empirisch onderzoek – laat ook een goudglanzende kant van de medaille zien. Drie jaar geleden heeft René een cursus methodologie voor het personeel verzorgd. Met de voor hem zo karakteristieke gedrevenheid en dus ook in een van zweet doordrenkt hemd, waarschuwde hij zijn gehoor voor de vele valkuilen van de statistiek en de catastrofale gevolgen van verkeerde aannames. Bij iedereen die aan die cursus deelnam, heeft hij respect afgedwongen vanwege zijn enorme eruditie en glasheldere betoogtrant. We weten allemaal dat René een theoreticus was. Binnen de FA was hij zonder meer de beste van al en ook degene die, overigens samen met de hem dierbare Niels Faber, op hoog tempo alleen maar in Engelstalige en hoog aangeschreven tijdschriften publiceerde. In die zin was René een lichtend voorbeeld.

René wordt door de collega's geprezen voor de tomeloze inzet voor de vakgroep Sociale Wetenschappen, die hij naar eer en geweten leidde. Hij stond, zeker in de eerste jaren aan de FA, pal voor zijn mensen en ging daarbij de confrontatie met het management niet uit de weg. Hij was daarin moedig, scherp, confronterend, maar ook ongeduldig.
Ondanks het feit dat het vakgebied meertaligheid voor hem onontgonnen terrein was, toonde hij ook daar zijn vakmanschap, door een doortimmerd onderzoeksplan te schrijven dat nog steeds richtinggevend is voor de vakgroep. Aan hem danken we ook het, inmiddels regelmatige, promovendi-overleg, waar de geesten zich aan elkaar slijpen. De promovendi zouden nu niet meer zonder willen.
Zijn samenwerking met de Waddenacademie en zijn grote inzet voor de Universitaire Campus Fryslân, met daarin zijn pogingen om het thema sociale duurzaamheid

Prof. dr. René Jorna †

in de provincie Friesland *salonfähig* te maken, verdienen veel respect. Het thema had zijn hart veroverd en hij kon er smakelijk over vertellen. Of het nu ging om de janboel bij de Nationale Spoorwegen of de wanorde bij het gevangeniswezen, met volle overgave betoogde hij steevast dat die mensen er niets van hadden begrepen.

Veel collega's onderstrepen de tegenstellingen in de sociale vaardigheden van René. Hij had aandacht voor de zieke collega's, en voor hun alledaagse problemen, maar verraste mensen ook met soms onnavolgbaar snelle wendingen in zijn gedrag. De barse toon waarmee hij zijn gelijk poneerde, kon ineens omslaan in belangstelling en medeleven, om direct daarna weer in de formele toon van de wetenschapper te vervallen. Een collega formuleerde het als volgt: "wat mij aan René opviel, was dat hij een zachte en aaibare uitstraling had, mede door zijn zachte en toch wat droevige ogen, terwijl hij verbaal toch behoorlijk offensief kon zijn. Die tegenstelling viel me op en het leek wel of hij ook zichzelf misschien wel geweld aandeed".

Een ander voorbeeld zijn de warme herinneringen van collega's aan het etentje thuis bij René en Greetje ter gelegenheid van zijn 59ste verjaardag. De avond zal iedereen niet alleen vanwege de gemoedelijkheid in herinnering blijven, maar ook vanwege René's voorspelling dat hij in zijn zestigste levensjaar zou overlijden.
Sommigen onder u zullen de afgelopen maanden indringende en interessante gesprekken met René hebben gevoerd. Bij die gelegenheden moet u in toenemende mate een gebrek aan structuur zijn opgevallen. De woorden tuimelden over elkaar heen en de zijpaden, die nergens toe leidden, werden steeds frequenter. Hij was zich daarvan bewust en zei dan: "dit is een andere discussie", om vervolgens de draad van zijn betoog niet meer op te pakken. De ijzeren logica van zijn betoog versmolt tot wartaal, tot er een week geleden een dodelijke stilte viel.
Misschien is het een troost om je voor te stellen, Greetje en Isabel, dat hij nu in een debat met zijn schepper is verwikkeld. Het zou me niet verbazen, maar of dat echt zo zal zijn, is een andere discussie. Want wat ons vandaag hier samenbrengt, is de herinnering aan een hartstochtelijk mens en begaafd wetenschapper, die in het harnas is gestorven. Niettemin zal zijn naam nog vaak vallen, want zijn meesterschap en zijn oprechte gedrevenheid blijven een bron van inspiratie. En daarover bestaat geen discussie.'

Anne van der Burg

Op 12 septimber 2013 is âld-meiwurker Anne van der Burg ferstoarn, yn'e âldens fan krapoan 74 jier.

Van der Burg waard berne yn Langwar. Hy learde ta skoalmaster en dat hat er ek moai wat jierren west. Doe't er dat wurk nei in skoft net mear dwaan koe, kaam er op 1 jannewaris 1980 by de Fryske Akademy yn tsjinst. Dêr hat er foar ûnderskate wurdboekprojekten yn 't spier west. Earst foar de hânwurdboeken *Frysk-Nederlânsk* en *Nederlânsk-Frysk* (útkommen yn 1984 en 1985). Dêrnei hat er meiwurke oan it gearstallen fan trije dielektwurdboeken. Om te begjinnen it yn 1987 útkommen *Woa'deboek fan ut Amelands*; dat stiet op namme fan A.G. Oud, mar Van der Burg hat der gâns oan bydroegen op it stik fan de systematisearring. Boppedat hat er – sa gie dat yn dy tiid – it hiele typoskript yn de kompjûter ynfierd. Yn 1991 kaam it *Woardeboek fan ut Leewarders* út, dat alhiel op syn namme stiet, mar dat er sûnder de "metwerking fan anderen" net skriuwe kinnen hie. It *Woordeboek fan 't Bildts*, útkommen yn 1996, is yn 'e mande mei (heit) Hotze en (soan) Sytse Buwalda gearstald, ek wer "met metwerking fan ânderen". De grutte wurdearring foar dit wurdboek die hjir ek oan bliken, dat de gearstallers der de Biltske kultuerpriis foar krigen. Doel wie dat Van der Burg syn karrière by de Fryske Akademy dêrnei beslute soe mei it skriuwen fan in nij wurdboek fan it Skiermûntseagersk, as opfolger fan D. Fokkema sr. syn *Wezzenlist fan it Schiermonnikoogs* (fan 1968). Hy begûn dêr op 1 july 1996 mei. De letters *a* en *b* wiene, begjin 1997, yn konsept klear, doe't er in beroerte krige, en de gefolgen wiene sa slim, dat it waard al rillegau dúdlik, hy soe syn wurk net fuortsette kinne. Dat is doe troch oaren oernommen. As earbetoan is it yn 2002 útkommen *Eilander wezzenbúek/Woordenboek van het Schiermonnikoogs* oan him opdroegen.

In lytse tweintich jier hat Anne van der Burg syn bêste krêften oan it wurdboekwurk op de Akademy jûn. Yn dy jierren liet er him kenne as in stûfe, stille wurker. Troch syn dreech folholden krewearjen hat er in soad foar de leksikografyske ûntsluting fan de Fryske dialekten betsjutte kinnen. Syn namme sil dêr dan ek foargoed oan ferbûn bliuwe. De persoan en it wurk fan Anne van der Burg sil de Fryske Akademy yn tankber oantinken hâlde.
Willem Visser

Geartsje Veninga

Ald-meiwurkster Geartsje Veninga is op 1 april lêstlyn ferstoarn yn 'e âldens fan 80 jier.

Op 1 oktober 1951 kaam Geartsje Veninga fan Bitgummole, doe santjin jier, by de Fryske Akademy te wurkjen as 'famke foar op kantoar'. Doe't se fjirtich jier letter ôfskied naam, wie se de 'nestriks' wurden.
Geartsje Veninga makke mei yngong fan 1 oktober 1991 gebrûk fan de regeling om nei 40 tjinstjierren út tsjinst te gean. By har ôfskied krige se út namme fan 'e Keninginne in lintsje opspjelde troch boargemaster Te Loo fan Ljouwert.
Yn har tiid by de Akademy hat Geartsje Veninga in soad ferskillende taken hân. It begûn yn 1951 mei ienfâldich

Geartsje Veninga † op har Akademy-wurkplak as telefoniste/resepsjoniste (1990).

typwurk, letter kaam dêr argyfwurk by. Fierder hie se in skoft it behear oer de boekwinkel fan 'e Akademy en wie se in jiermannich haad fan 'e typkeamer. Fan 1986 oant har ôfskied wurke se as resepsjoniste/telefoniste. De Fryske Akademy tinkt yn tankberens oan har werom.

Ferstoarne leden

Yn de ôfrûne tiid hat de Fryske Akademy fernommen fan it ferstjerren fan fiif fan har leden:

- **D. Bekius** fan Aalten is op 8 juny 2013 ferstoarn.
- **Dr. Herre de Groot** is ferstoarn op 19 septimber 2013. De Groot wenne yn Westmount Montreal yn Kanada en waard krapoan 100 jier!
- **R.K. Hentschel-Holander** fan Bredstedt/Bräist ferstoar op 24 septimber 2013.
- **J. Geartsma** fan Kollumersweach is ein septimber 2013 ferstoarn.
- Op 16 jannewaris 2014 ferstoar **Hindrik S. de Bruin** fan Roden. De Bruin hat in soad korreksjewurk foar de Fryske Akademy fersoarge.

In memoriam: Piter Tiersma

Op 13 april 2014 is Akademy-lid Piter Meijes Tiersma ferstoarn. Tiersma is berne op 23 juny 1952 yn Toppenhuzen. As jonge emigrearre er mei syn âlden nei Amearika. It Frysk hat er altyd syn niget oan hân en holden, benammen yn wittenskiplike sin. Troch in Fulbright Fellowship koe er yn 1978 en 1979 taalkundich fjildwurk dwaan yn Grou. Tiersma hat oer de taalkundige ferskynsels 'brekking' en 'ferkoarting' skreaun yn syn proefskrift en hy hat dêr ek oer publisearre yn ynternasjonaal heech oanskreaune tydskriften. Syn proefskrift (1980) droech er op 'oan ús Heit en Mem, dy't my in Heitelân en in Memmetael jown hawwe.'
It bekendst is er sûnder mis troch syn *Frisian Reference Grammar* (Fryske Akademy, 1985). De troch Jarich Hoekstra oanfolle twadde printinge (1999) krige as opdracht mei: 'To my *heit* and *mem*, Meije (Mark) and Aukje (Arlene) Tiersma'. Tiersma hie troch syn rom eachweid en troch syn freonlik aard kontakt mei de hiele frisistyske wrâld, dêr't er û.o. yn oparbeide mei Tony Feitsma en Henk Meijering (VU) en Tseard de Graaf (RuG). Piter hat my as lid fan de redaksjeried fan myn *Frysk-Ingelsk wurdboek* (2000) tige stipe. Dêr sil ik him altyd tankber foar bliuwe.

Prof. dr. Piter Meijes Tiersma †

Anne Dykstra

Tsien nije leden foar Fryske Akademy

Yn 2013 binne tsien minsken ta lid fan de Fryske Akademy beneamd. Dr. Hanno Brand hat op de Akademy-dei fan freed 6 septimber 2013 njoggen nije leden beneamd en op 29 novimber 2013 noch ien.

Dr. Piet Bakker fan Amsterdam waard beneamd fanwege syn fertsjinsten op it mêd fan de Fryske wittenskip. **Dr. Ernst Bruinsma** fan Grou en **drs. Erik Betten** fan Dronryp krigen it lidmaatskip fan de Fryske Akademy foar harren fertsjinsten foar de Fryske wittenskip en kultuer. Fanwegen harren fertsjinsten foar de Fryske kultuer waarden **Nynke Laverman** út Weidum, **Pieter Fokkes Visser** út Kollum en **Pieter Winsemius** út Blaricum beneamd. **Ir. Nynke-Rixt Jukema** krige it lidmaatskip foar har fertsjinsten foar de Fryske kultuer en har grutte, oanhâldende niget dêroan. **Marten F. Koopmans** fan Ljouwert en **Bennie Huisman** fan It Hearrenfean waarden ta lid beneamd foar harren grutte, oanhâldende niget oan de wittenskip en de Fryske kultuer yn it algemien. Nynke Laverman, ir. Nynke-Rixt Jukema en Bennie Huisman wiene behindere om persoanlik by de beneaming op de Akademy-dei te wêzen.

Njonken de al beneamde leden yn septimber, waard **prof.dr. Reinier Salverda** by syn ôfskied op 29 novimber 2013 it lidmaatskip takend op grûn fan syn fertsjinsten op it mêd fan de wittenskip en foar de Fryske kultuer, en foar syn grutte, oanhâldende niget oan de wittenskip en de Fryske kultuer yn it algemien.

Foardrachten 2014

Yn 2014 sille ek wer nije leden beneamd wurde op de Akademy-dei, op freed 12 septimber. De leden en stipers fan de Akademy kinne mei nammen fan kandidaten komme. Immen kin ta lid beneamd wurde op grûn fan syn/har bysûndere fertsjinsten yn ien, of in kombinaasje, fan de ûndersteande trije kategoryen:

a. fertsjinsten op it mêd fan de wittenskip dy't mei Fryslân, it Fryske folk en syn kultuer yn al syn uteringen, en soks yn de wiidste omfieming, te krijen hat;
b. fertsjinsten foar de Fryske kultuer;
c. grutte, oanhâldende niget oan de wittenskip sa't dy ûnder a. oantsjut is, of foar de Fryske kultuer yn it algemien.

Motivaasje

Der kinne it hiele jier troch lju foar beneaming ta lid fan de Fryske Akademy foardroegen wurde. Foar in beneaming yn 2014 moatte de foardrachten op syn lêst op 31 maaie 2014 troch middel fan in brief yntsjinne wêze by de direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy, dr. Hanno Brand. By de foardracht moat dúdlik motivearre wurde, wêrom't de foardroegene it lidmaatskip fan de Fryske Akademy fertsjinnet. As it heal kin, wolle wy ek graach de kontaktgegevens fan de foardroegenen hawwe. Set jo eigen kontaktgegevens der ek dúdlik by, want as de troch jo foardroegen kandidaat ta lid beneamd wurdt, wolle wy jo ek graach útnoegje.

It brief kinne jo stjoere nei: Fryske Akademy, nije leden 2014, Postbus 54, 8900 AB Ljouwert. In e-postberjocht kin ek: lhoekstra@fryske-akademy.nl

Lês hjirneist fierder >>>

6de Dei fan de Fryske Taalkunde

Freed 25 oktober 2013 kamen taalkundigen út Fryslân, Hollân, Dútslân en België byinoar yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint fan de Fryske Akademy foar de 6de Dei fan de Fryske Taalkunde. Ferskate sprekkers analysearren it systeem fan sterke en swakke tiidwurden yn it Noard-Frysk, it East-Frysk en it Westerlauwersk Frysk, lykas Grete Köbernik, Hauke Heyen en Temmo Bosse (alle trije fan de Abteilung für Frisistik, Kiel). Lennert de Backer (Universiteit Gint) liet op grûn fan 'e ûntjouwings yn it Midfrysk en it Middelnederlânsk sjen, dat it type 'swemme-swom-swommen' (x-o-o) as in soarte fan biezemwein fungearret foar tiidwurden dy't har oarspronklike foarmen kwytrekke binne. Oscar Strik en Remco Knooihuizen sieten yn it publyk ynstimmend te knikken, want hja hiene itselde risseltaat op hiel oare wize fûn, nammentlik troch lju de doetiid en it mulwurd fan fantasytiidwurden meitsje te litten: in konverginsje fan ûndersyksrisseltaten dus!

Joke Weening oan it wurd oer de útspraak fan –SK.

Komplekse saak

Pyt Kramer hie earder op de dei al in ferhaal holden oer syn grutte wurdboekprojekt foar it Saterfrysk. Joke Weening fan de Fryske Akademy liet sjen, dat de útspraak fan –SK in komplekse saak is. Yn alle gefallen wurdt de K better útsprutsen yn Fryske wurden dy't gjin dúdlike Hollânske wjergader ha, lykas RYNSK, mar ferdwynt der maklik yn in wurd lykas DUTSK, dat op it Hollânske DUITS liket. Franziska Köder (Ryksuniversiteit Grins) liet sjen, dat Frysktaligen yn har Hollânsk mear ynterpretaasjemooglikheden ha foar foarnamwurden yn 'e yndirekte rede as ientalige Hollanners. It giet dan om sinnen lykas: (Jan sprekt:) "Aap zei, ik krijg straks een appel." Foar Frysktaligen kin de ik-persoan dy't in apel kriget makliker nei Jan ferwize as foar Hollânsktaligen. Frysk substraat dus yn ús Hollânsk. En oer substraat praat, Michiel de Vaan fan de Universiteit Leien liet sjen, dat de kustdialekten fan Hollân nei de ûntfriezing yn de iere midsieuwen wat lûdûntjouwing oanbelanget al gau harren eigen paad gyngen.

Trijetalich

Jurjen Kingma fan de Fryske Akademy liet sjen, dat trijetalige middelbere skoallen fertuten dogge as it giet om bettere prestaasjes op it mêd fan it Ingelsk, it Hollânsk en it Frysk. Dat, wy meie eins wol útroppe: wêrom binne net alle skoallen trijetalich? Oan de ein fan 'e dei hold de 'kening fan de frisistyk', Jarich Hoekstra (heechlearaar te Kiel), in nijsgjirrich ferhaal oer *sokssawat* en lyksoartige kwantifisearders yn it Hilgelânsk. Hilgelânsk (*Halunder Freesk*) is in Noard-Frysk dialekt en it wurdt noch troch in pear hûndert minsken praat. Dêrnei wie it tiid foar in hapke en in snapke en waarden de lêzings nochris oereide troch in entûsjast publyk.

F.l.n.r. de nij-beneamde leden dy't der op de Akademy-dei by wiene: Pieter Winsemius, Pieter Visser, Erik Betten, Ernst Bruinsma, Bennie Huisman en Marten Koopmans.

Oersjoch leden

Tinke jo, dat de persoan dy't jo foardrage wolle faaks al lid fan de Fryske Akademy is, besjoch dan efkes it oersjoch fan leden op ús website (www.fryske-akademy.nl > leden > oersjoch leden). Mochten jo gjin tagong ta de website hawwe, dan kinne jo ek altiten kontakt sykje mei it sekretariaat: tel. (058) 213 14 14.

Autentisiteit by Nederlânske skippen

Soad belangstelling foar sympoasium Wurkgroep Maritime Skiednis

De Wurkgroep Maritime Skiednis fan de Fryske Akademy hold op freedtemiddei 31 jannewaris 2014 it sympoasium 'Op zoek naar het echte; authenticiteit in de wereld van de Nederlandse schepen' yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint. It sympoasium hie net te min belangstelling: der wiene mar leafst 150 minsken!

Deifoarsitter Sippy Tigchelaar iepene de gearkomste mei de fraach oft bygelyks nijmakke Fryske kostúms en it moderne Fryske hynder autentyk neamd wurde kinne. By Fryske hynders is it DNA oanwêzich, mar it hynder fan hjoed de dei sjocht der oars út as it eardere hynder.

Lourens Touwen die ferslach fan syn restauraasje fan de tsjalk 'Trijntje', dy't in hiel skoft as ferlinge motortsjalk yn Ljouwert lein hat. It skip is boud yn Hoogeveen foar 1900. Touwen hat in soad ûndersyk dien en hat dêrby kontakt krigen mei de bern fan de eardere skipper. By it slopen kamen in soad spoaren fan de eardere ynrjochting foar it ljocht. Touwen is fan betinken dat der faak te min ûndersyk dien wurdt nei hoe't in skip der oarspronklik útseach.

Soad speurwurk

In ferslach fan de bou fan de 'Aebelina', in replika fan in houten beurtskip út Grou, stie sintraal yn de bydrage fan Johan Prins. De ferskillen tusken in beurtskip en in frachtskip waarden taljochte. In beurtskip hat in soad seil en in bollestâl. Prins die ûndersyk yn de werfboeken fan de bouwer, Eeltsje Holtrop van der Zee fan De Jouwer. It is slagge om nei in soad speurwurk in bestek te rekonstruearjen. It finen fan gaadlik hout wie in projekt op himsels.

Peter Tolsma fertelde oer it wurk fan de Stichting Ronde en Platbodemjachten en oer de ôfwagings dy't troch bestjoer en autentisiteitskommisjes makke wurde by de talitting fan skippen. Foaral by de Lemsteraken is der in grutte druk om ta te jaan oan de easken fan snelheid. Ferskillen fan ynsjoch wurde soms oant foar de rjochter útfochten. Der binne grinzen: keunststof platboaiems wurde net talitten. Hy relativearre ek de betsjutting fan Eeltsjebaas. Der binne ommers ek oare hellings dêr't goede en moaie boeiers boud binne, sa as Lantinga yn Drylts.

Ferslachjouwer

As lêste sprekker kaam Klaas Jansma foar it buordsje. Hy fertelde, dat de skûtsjes sa't wy dy kenne, yn in koarte tiid, tusken 1892 en 1932, boud binne. Der binne noch sa'n 600 fan de 900 oer. Jansma hat him as ferslachjouwer djip yn de wrâld fan it skûtsjesilen jûn. Der binne kampioenen fan de autentisiteit, sa as Albert van Akker, mar der binne ek ynnovatoaren, lykas Loadewyk Meeter. It is de fraach wannear't it fernijen oergiet yn fernielen. In goed skûtsje hat in platte kop en in tarinnende kont. Jansma ferlike it skûtsjesilen mei de America's cup en skôge de feroarings, dy't sa al yn de measte skûtsjes, oanbrocht binne: de mêst is folle langer wurden en meast flink nei efteren gien en de roef nei foaren. Skûtsjes wurde lichter makke troch safolle mooglik izer út de romp te brânen. Faak wurdt ek besocht om de kimen hoekiger te meitsjen.

Klaas Jansma

De skipswerf fan Eeltje Holtrop van der Zee (1823-1901) op 'e Jouwer. Boarne foto: Tresoar.

Wâldpykjes brûke it measte Frysk op sosjale media

Frysk wurdt troch jongerein yn 'e Fryske Wâlden mear brûkt op sosjale media as troch jongerein yn oare parten fan Fryslân. Dat docht bliken út ûndersyk ûnder Fryske jongerein, dat ûndersiker drs. Lysbeth Jongbloed-Faber fan Mercator Research Centre fan 'e Fryske Akademy mei stipe fan 'e Provinsje Fryslân en 'e gemeente Ljouwert de ôfrûne moannen útfierde.

Undersykster Lysbeth Jongbloed makket in 'selfy' by it oanbieden fan har rapport oan deputearre Jannewietske de Vries en wethâlder Sjoerd Feitsma.

Jongbloed – kommunikaasje-wittenskipper – hat op 20 Fryske skoallen yn it fuortset ûnderwiis en middelber beropsûnderwiis ûndersyk dien nei it taalgebrûk fan jongerein tusken de 14 en 18 jier op sosjale media. Yn totaal hawwe mear as 2000 jongeren in fragelist ynfolle. Hast alle Fryske jongeren brûke sosjale media: 98% is dêr aktyf op. WhatsApp wurdt troch 95% fan dy jongeren brûkt, 86% sit op Facebook en 76% op Twitter. WhatsApp wurdt fan dy trije it measte brûkt: 47% hat keazen foar it antwurd 'allinnich as ik sliep, sjoch ik net op WhatsApp'.

Mear sprektaal as skriuwtaal

Yn it algemien kin konkludearre wurde, dat it Frysk noch hieltyd mear in sprektaal as in skriuwtaal is. Wat formeler oft in medium wurdt, wat minder oft it Frysk yn trochsneed brûkt wurdt. Sa wurdt yn sms'kes en op WhatsApp it Frysk troch likernôch de helte fan 'e Frysktalige jongerein in soad brûkt. Op Facebook en Twitter binne dat noch sa'n 30% en yn e-mails leit it oandiel op 15%, docht bliken út it ûndersyk fan Jongbloed. Dat betsjut mei oare wurden, dat it Nederlânsk ek ûnder Frysktalige jongerein as skriuwtaal dominant is.

Hokker taal oft ien it leafst praat, hat de grutste ynfloed op 'e taal dy't dy persoan ek op sosjale media brûke sil. Oare faktoaren fan ynfloed binne de hâlding foar it Frysk oer, de skriuwfeardigens en 'e trochsneedhâlding op ien syn skoalle.
Yn Fryslân binne grutte ferskillen metten yn it brûken fan it Frysk. Sa wurdt yn it algemien yn 'e grutte stêden hast gjin Frysk brûkt, wylst yn 'e lytsere plakken en yn Noardeast-Fryslân it Frysk op sosjale media folle gewoaner is. Yn 'e Wâlden wurdt it Frysk it measte brûkt.

Dakjes en streekjes

It Frysk wurdt faak fonetysk skreaun: sa't de brûker it 'heart'. De measte jongeren witte dat, mar fine soks net sa slim: 'De minsken begripe wol wat ik bedoel'. Guon fine it tefolle wurk om alle dakjes en streekjes te typen, oaren witte net sa goed wannear't se sokke diakrityske tekens brûke moatte. Fierder is ek de ynfloed fan it Nederlânsk goed werom te sjen yn 'e skriuwtaal fan 'e jongeren, lykas it brûken fan dialekt en typyske sosjale mediaôfkoartingen. It mei sin trochinoar brûken fan ferskillende talen komt ek in protte foar.

Sa'n ienfyfde fan 'e Frysktalige jongerein brûkt nea it Frysk op sosjale media. De wichtichste reden foar harren is, dat se it dreech fine om Frysk te skriuwen; mar soks hat ek te krijen mei it net-Frysktalich wêzen fan harren fermidden en harren eigen hâlding oangeande it Frysk.

Mear ûndersyk

Nei oanlieding fan it ûndersyk hat de Provinsje Fryslân in subsydzje takend oan it Mercator Kennissintrum fan 'e Fryske Akademy om yn 2014 en 2015 mear ûndersyk te dwaan nei it brûken fan Frysk op sosjale media; benammen nei de fraach wêrom't de iene persoan it Frysk op sosjale media wol brûkt, en in oar, dy't wat kompetinsjes en hâlding oanbelanget oerienkomt mei de earste persoan, net. Mei it nije ûndersyk sil ek it taalgebrûk fan oare leeftydsgroepen ûndersocht wurde.

Undersyksrapport

Wa't it folsleine ûndersyksrapport *Taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media* lêze wol, kin it op ynternet fine: http://lyt.sr/zbdpe







Goed 600 minsken by jubileumfeest

6 september 2013: fiering fan it 75-jierrich bestean yn De Harmonie

Al moannen libben wy der nei ta: ús jubileumfeest om it 75-jierrich bestean fan de Fryske Akademy te fieren op freed 6 september 2013. De organisaasje hie it der mar drok mei: der waarden nammentlik mear as seishûndert minsken ferwachte! Yn earste ynstânsje wie rekkene mei in 350, mar de respons op de útnoeging foar dizze middei en jûn wie fier boppe ferwachting! It personiel waard frege om safolle mooglik mei te helpen en dat die fertuten: begjin fan 'e middei wie alles en elkenien yn Stadsschouwburg De Harmonie yn Ljouwert klear: de projektposters, de tafels fan 'e Akademy, de boeketafel fan de Afûk, de karrûsel mei alle Akademy-publikaasjes, de reünyhoeke mei de foto's fan de Akademy en har meiwurkers troch de tiid hinne, en de rige ûntfangstdames om de gasten wolkom te hjitten.

Stevige posysje

Om twaen hinne siet elkenien te plak yn 'e Aegon-seal. Nei in wolkomstwurd fan waarnimmend direkteur Hanno Brand ferskynde Rients Gratama op it poadium. Hy soe de middei oan elkoar prate en hie it publyk troch syn enerzjy en koartswilichheid al yn minder as in minút oan it laitsjen. John Jorritsma, de Kommisaris fan 'e Kening, spruts as earste. Hy helle de wurden fan Van Harinxma thoe Slooten út 1938 oan, dat mei de Akademy de wittenskip en it Frysk-eigene ûnder ien tek kamen. Neffens Jorritsma hat de Akademy in stevige posysje, ek bûten de provinsjegrinzen. Hy besleat syn lêzing mei de winsk foar de Akademy om "ús skerp te hâlden as Provinsje".

Nei Jorritsma kaam Pieter Winsemius oan it wurd. Hy hie it oer it akademyske klimaat yn Fryslân en liet ús neitinke oer de fraach wêr't wy as wittenskippers yn Fryslân yn útblinke wolle. Fan 'e Fryske Akademy moasten wy in 'Mekka yn Fryslân' meitsje en dat kin allinne troch te netwurkjen. Der binne neffens Winsemius in protte Friezen om utens en yn it bedriuwslibben dy't ynset wurde kinne en men moat de 'sneupers' ek net ûnderskatte, dy't mei elkoar in protte wurk fersette. Syn advys: leau yn watst kinst en hâld de ôfstân mei it bedriuwslibben en de sneupers lyts.

It publyk koe de wurden fan beide sprekkers noflik ferwurkje mei de muzyk fan Wiebe Kaspers op piano en Maaike Boonstra op trompet en bugel. Sy hawwe û.o. in Spaansk stik spile en in firtuoaze bewurking fan *Golden Brown*.

Lês fierder >>>

De jûns wie der in konsert fan it Frysk Jeugd Orkest.

Mear as 600 minsken kamen nei de Harmonie foar it jubileumfeest fan de Fryske Akademy.

Promovendy

Foar it kofje- en teeskoft binne de njoggen nijbeneamde Akademy-leden yn it sintsje setten (jo kinne dêr mear oer lêze op side 16 en 17 fan dit nûmer fan *Ut de Smidte*) en neitiid hawwe twa promovendy, Matthijs Gerrits en Nienke Boomstra, oan it wurd west oer harren projekten, respektivelik de Fryske fetemaatskippij en de foardielen fan meartalichheid foar Antilliaanske húshâldings.

Kulturele Haadstêd

It rûn al tsjin fiven, doe't Wiebe Kaspers en Maaike Boonstra wer mei in muzikaal yntermezzo kamen. Om fiif oere soe de útslach oangeande hokfoar plak oft Kulturele Haadstêd fan Europa yn 2018 wurde soe, ek bekend wêze. Under de muzykymprovisaasje wie ynienen in lûd 'jeeeeuh' út 'e seal wei te hearren. Elkenien wist wat dat betsjutte – Ljouwert waard Kulturele Haadstêd! – en ferskate telefoantsjes waarden iepenklapt. De beide musisy makken har yntermezzo ûnfersteurd ôf en dêrnei wie der in seishûndert man sterk 'Frysk bloed tsjoch op' te hearren. Gratama krige boargemaster Ferd Crone oan de telefoan. De ferbining wie net al te bêst, mar it wie moai om Crone syn entûsjasme te hearren. In bysûnder momint!

Beneaming nije direkteur

Noch yn euforystimming, krigen wy fan 'e waarnimmend foarsitter fan 'e Ried fan Tafersjoch, drs. Jan-Meinte Postma, fuort it folgjende belangrike nijs: Hanno Brand wurdt de nije direkteur fan 'e Fryske Akademy! Dêrnei koe Brand sels syn taspraak hâlde foar dit jubileum. Kaaiwurden yn Brand syn taspraak wiene nijbou, besunigings, promovendy, ICT en A-publikaasjes. Dêrnei waard it Coulonhûs-boek oanbean oan Jan Kersbergen en auteur Piter Boersma. De oanwêzigen soene in eksimplaar fan dit boekwurkje letter as kado mei nei hûs krije.

Om goed healwei seizen krigen Theo Mulder, direkteur Undersyk en Ynstituten fan 'e KNAW, Jacob Fokkema fan 'e Wittenskipskommisje, Akkie Lindeboom fan 'e Maatskiplike Advysrie en Bert Looper fan Tresoar elk fiif minuten om harren relaasje mei de Akademy te ferwurdzjen. Akkie Lindeboom joech de Akademy de tip om mear nei bûten ta te 'treden', sadat hieltyd mear minsken witte wêr't de Akademy foar stiet.

Krekt nei seizen waard it offisjele part ôfsletten en wie it tiid foar it diner. Der waarden út en troch noch wat projektposters besjoen, praat mei dizze en jinge en doe begûn it konsert fan it Frysk Jeugd Orkest, ûnder lieding fan 'e entûsjaste dirigint Theo Brouwer. Bellini, Beethoven, Haydn en Brahms kamen foarby en it orkest sleat ôf mei de moaie filmmuzyk fan Jurassic Park, kompleet mei filmbylden derby. Om goed healwei tsienen gienen de gasten nei hûs en wie der gelegenheid foar it personiel om nei te praten. Der koe weromsjoen wurde op in tige slagge dei!

Morphology Meeting 2013

kongres oer wurden en wurdfoarming op Fryske boaiem

Lês fierder >>>

De *Morphology Meeting* (Hollânsk: *Morfologiedagen*) is in kongres dat sûnt de santiger jierren ôfwikseljend yn Nederlân en yn België plakfynt. Diskear foel de Fryske Akademy de eare ta en organisearje dit spesjalistyske kongres oer wurden en wurdfoarming; it waard holden op freed 13 desimber 2013 yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint en it luts nasjonaal en ynternasjonaal publyk.

Gastsprekker op útnoeging wie em. prof.dr. Geert Booij (Universiteit Leiden), de *godfather* fan de Hollânske morfology en de âld-promotor fan ien fan de organisatoaren, dr. Willem Visser. Booij syn lêzing gie oer hoe't efterheaksels ferbân hâlde kinne mei oare efterheaksels, bygelyks dat njonken in wurd op *–isme* lykas *optimisme* hast altyd in wurd op *–ist* bestiet, yn dit gefal *optimist*. Oarsom is faak ek it gefal, mar net altyd, want njonken *in fluitist* bestiet net *fluitisme*.

Parallelsesjes

Nei de plenêre lêzing fan Booij wiene der parallelsesjes. Anne Dykstra (Fryske Akademy) siet in lêzing foar fan Inge Zwitserlood-en-dy (Nijmegen) oer 'gebarentaal', de taal dy't dôve lju mei de hannen sprekke en mei de eagen begripe. Dêrnei joech Jan Don (Amsterdam) mei twa studintes (Ava Creemers en Paula Fenger) in lêzing oer wurdstruktuer en klam. Op deselde tiid siet Ton van der Wouden (Amsterdam) in lêzing foar fan Camiel Hamans (Poznan, Poalen) oer gearstallingen mei -o-, lykas *hamburgeroloog* (*hamburger* + *oloog*). Dêrnei kamen Oscar Strik, Remco Knooihuizen en Gerbrich de Jong (Grins) mei in lêzing oer sterke en swakke tiidwurden yn it Frysk en it Hollânsk.

Eksoatysk en Hollânsk

Nei in smaaklik middeismiel en libbene petearen, siet Truus de Vries (Fryske Akademy) trije lêzingen oer eksoatyske talen foar: dy fan frou Makri-en-dy (Patras, Grikelân) oer lienwurden yn Grykske dialekten, dy fan Marianna Gkiouleka (Patras, Grikelân) oer de ynfloed fan it Turksk op Grykske dialekten en dy fan Robbert van Sluijs (Nijmegen) oer de doetiid yn it *Negerhollands*, in útstoarne kreoaltaal. Wylst siet Frits van der Kuip (Fryske Akademy) trije lêzingen foar oer it Hollânsk: Ton van der Wouden (Amsterdam) prate oer sabeare efterheaksels, Abel Darwinkel (streektaalfunksjonaris Drintsk te Beilen) oer ferlytsingswurden yn it Drintsk en Jenny Audring (Amsterdam) oer yndirekte ynterpretaasje as yn *een zeepje*, dêr't de stofnamme *zeep* (net telber) ynienen telber wurdt troch de ferlytsing.
Nei it teeskoft siet Geert Booij in lêzing foar fan Josefien Tempelaar-en-dy (Leiden) oer neologismen lykas *camcorder* (*camera* + *recorder*) en ien fan Jack Hoeksema (Grins) oer elative gearstallingen lykas *sjippeglêd* (*sjippe* + *glêd*) en *rotfint*. Wylst switte Siebren Dyk (Fryske Akademy) it derôf mei syn lêzing oer nominale ellipsis, as yn *sines* (njonken *syn boek*) en *gjint*, en Rebecca Colleran (Edinburgh) prate oer it swakke foarnamwurd *ma* (*men)* yn it Aldfrysk. Beide lêzingen waarden befoarsittere troch Joke Weening (Fryske Akademy). Nei de buorrel teagen de lêzinghâlders en de taharkers wer op hûs oan, útsein in lyts selskip dat de pree joech oan in streksum miel en libben neipetear yn ien fan de Ljouwerter ytgelegenheden.

Prof. dr. Geert Booij.

Aginda

Aginda-oersjoch

De neikommende gearkomste-data wiene bekend op it stuit fan gearstallen fan dit nûmer fan *Ut de Smidte*. Alle gearkomsten binne, behalve as it oars oanjûn wurdt, yn kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint, Doelestrjitte 2-4 yn Ljouwert. Hâld ek de aginda op ús thússide, www.fryske-akademy.nl, yn 'e rekken.

Tongersdei 5 en freed 6 juny
11.00 oere: Posthumus Conference 2014 – oangeande de ynteraksje tusken lokale en globale ekonomy en skiednis. De konferinsje is yn gearwurking mei it Posthumus Instituut, Histoarysk Sintrum Ljouwert en Tresoar

Sneon 21 juny
14.00 oere: Lededei, foar de leden fan de Fryske Akademy

Freed 12 septimber
14.00 oere: Akademy-dei (plak: Ljouwert)

Tiisdei 30 septimber
19.30 oere: Gearkomste Argeologysk Wurkferbân (plak: Biblioteek Fryske Akademy)

Sneon en snein 4-5 oktober
Weekend van de Wetenschap

Sneon 11 oktober
13.30 oere: Gearkomste Genealogysk Wurkferbân (plak: Histoarysk Sintrum Ljouwert)

Sneon 8 novimber
13.30 oere: Gearkomste Genealogysk Wurkferbân (plak: Histoarysk Sintrum Ljouwert)

Freed 21 novimber
10.00 oere: Akademy-lêzingen (plak: De Koperen Tuin te Ljouwert en It Haske op 'e Jouwer)

20ste Frysk Filologekongres yn desimber

Oankundiging en oprop foar lêzingen

De Fryske Akademy organisearret dit jier foar de tweintichste kear it Frysk Filologekongres, yn Ljouwert op woansdei 10, tongersdei 11 en freed 12 desimber 2014. It kongres wol in poadium wêze foar it wittenskiplik debat oangeande de frisistyk yn 'e breedste sin. De fiertalen binne: Frysk, Nederlânsk, Ingelsk en Dútsk.

De opset fan it kongres is dat alle dagen út ein set wurdt mei in plenêre lêzing. Dêrnei binne der parallelsesjes. Op 'e tongersdei is der in jûnssesje oer Underwiis. It kongres is rjochte op 'e neifolgjende ûndersyksmêden: Aldfrysk, Taalkunde, Letterkunde, Leksikografy, Taalsosjology, Skiednis fan Fryslân/Kultuerstúdzje.
It ûndersyksfjild is it Frysk, mei ynbegryp fan 'e dialekten dy't yn Fryslân foarkomme, yn al syn fazen en it Frysk yn Dútslân (Noard- en East-Fryslân). Lêzingen dy't út in ferlykjend perspektyf wei relevant binne, binne ek fan herten wolkom.

Sprekkers
De neikommende sprekkers op útnoeging hawwe al tasein: prof.dr. Piet van de Craen (Vrije Universiteit Brussel), prof. dr. Jürg Fleischer (Philips-Universität Marburg), prof.dr. Antje Dammel (Johannes Gutenberg-Universität Mainz), Ms Sara K. Hayden (Philips-Universität Marburg), prof. dr. Damaris Nübling (Johannes Gutenberg-Universität Mainz), prof. dr. Monika Schmidt (University of Essex/Rijksuniversiteit Groningen), dr.des. Wendy Vanselow (Christian-Albrechts-Universität, Kiel).

Lêzinge-opset yntsjinje
De kongreskommisje ropt hjirby saakkundigen op om in opset (fan sa'n 300 wurden) foar in lêzing op ien fan 'e ûndersyksmêden yn te tsjinjen. Sprekkers dy't har lêzing by in beskaat ûndersyksmêd yndield hawwe wolle, wurdt fersocht om dat oan te jaan. In lêzing duorret in healoere (20 minuten foar de lêzing sels plus 10 minuten foar diskusje). Ut it oanbod fan lêzingen sil nei de slutingstermyn (sjoch hjirûnder) in kar-út makke wurde foar it kongres. De lêzinghâlders kinne har lêzing yntsjinje foar publikaasje yn 'e kongresbondel *Philologia Frisica anno 2014*, dy't ûnder redaksje fan 'e kongreskommisje stean sil.
Wa't in opset foar in lêzing yntsjinje wol, wurdt frege om dat fia e-mail te dwaan by Janneke Spoelstra: jspoelstra@fryske-akademy.nl
De slutingstermyn foar it ynstjoeren fan in opset is 15 septimber 2014. Foar 1 oktober hearre ynstjoerders oft harren opset foar in lêzing oannommen is.

De Koperen Tuin
It kongres wurdt holden yn Grand-Café Restaurant De Koperen Tuin, Prinsentuin 1, yn Ljouwert (www.dekoperentuin.nl). De kongreskosten binne € 100,- foar it hiele kongres of € 40,- foar ien kongresdei (ynkl. kongresdokumintaasje, kofje/tee en lunch). Lêzinghâlders binne frij fan kongreskosten foar de dei dat se har lêzing hâlde. Studinten ha fergees tagong ta it kongres. Op woansdei 10 desimber is der in kongresdiner; de kosten dêrfan binne € 30,-.

Ynljochtings
Foar ynljochtings kinne jo terjochte by Janneke Spoelstra, e-mail: jspoelstra@fryske-akademy.nl, tel. (058) 233 69 15 of Willem Visser, e-mail: wvisser@fryske-akademy.nl, tel. (058) 234 30 37.
De kongreskommisje bestiet út: dr. Hanno Brand (foarsitter), drs. Cor van der Meer, Janneke Spoelstra MA (skriuwer) en dr. Willem Visser.

FA-ria

Biblioteek giet oer nei Tresoar

De biblioteekkolleksje fan 'e Fryske Akademy, ynklusyf dy fan it Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen, is op woansdeitemiddei 26 maart 2014 oerdroegen oan Tresoar. De direkteuren dr. Hanno Brand (Fryske Akademy) en drs. Bert Looper (Tresoar) hawwe dêrta in ferklearring fan permaninte brûklien tekene.

'Mei de oerdracht oan Tresoar fan ús biblioteek, krije studinten, ûndersikers en minsken út it ûnderwiis, makliker tagong ta dizze rike boarnen, wêrûnder de tige spesjalistyske kolleksje oer meartaligens fan ús Mercator Kennissintrum', sa seit Akademydirekteur dr. Hanno Brand. Drs. Bert Looper is der ek tige wiis mei dat der no yn earste ynstânsje sa'n 200 meter boeken bykomt yn Tresoar: 'De Fryske Akademy draacht der sa ek oan by om Tresoar út te bouwen as takomstige wittenskiplike biblioteek fan Fryslân en moetingssintrum foar de UCF-community (University Campus Fryslân).'

Mear oparbeidzjen
Yn 2006 hawwe de Fryske Akademy en Tresoar al in konvenant sletten, dêr't se as doel mei hiene om mear saken yn 'e mande te dwaan. It tekenjen fan 'e ferklearring fan permaninte brûklien fersterket dat. Nei it útskiftsjen fan dûbele eksimplaren en nei sanearring fan 'e kolleksje, bliuwt by de Fryske Akademy allinne noch in hânbiblioteek yn har eigen ûnderkommen oan 'e Doelestrjitte oer. De beide Akademy-katalogy (algemien en Mercator) wurde konvertearre nei dy fan Tresoar.

Ynformaasjespesjalisten Elly Albers en Peter van der Meer pakke de boeken yn. Foto: Haye Bijlstra.

Presentatrise Diana de Groot praat mei guon dielnimmers.

Fries om utens wint foar tredde kear Frysk Diktee

André Looijenga, Fries om utens te Grins, hat it Grut Frysk Diktee wûn, dat op woansdeitejûn 16 april 2014 yn 'e Steateseal fan it Provinsjehûs yn Ljouwert holden waard.

Korreksje fan it diktee.

It is de tredde kear efterinoar dat Looijenga as bêste út 'e bus komt. Hy hie 6 flaters yn it diktee, dat skreaun en foarlêzen waard troch Omrop Fryslân-presintatrise Karen Bies. Twadde waard de Grinzer studint Jan Ybema mei 6,5 flaters en Swaan Postma-Vondeling fan Eastermar kaam as tredde út 'e bus mei 7 flaters. Der wiene 29 dielnimmers dy't harren kwalifisearre hiene foar it diktee.
Karen Bies hie as tema foar it diktee 'Doarpsfeest' keazen. Hoewol't it in 'fleurich' diktee wêze moast, wie it dreech foar de skriuwers as it gie om wurden as: *hoallefoalje*, *skotse-trije* (mei in streekje), *wenstige* (sûnder dakje op 'e earste e) en *barbecueden*.
Njonken de kwalifisearre dielnimmers diene 12 bekende Friezen mei, lykas aktrise en sjongeres Tet Rozendal, LC-sjoernalist Asing Walthaus, FNP-Steatelid Annigje Toering en Oeds Westerhof fan Kulturele Haadstêd 2018. Fan 'e bekende Friezen makke Tiete Sijens, meiwurkster by Omrop Fryslân Radio, it diktee it bêste mei 8,5 flaters.

Twa winners Lyts Frysk Diktee
De middeis waard it Lyts Frysk Diktee holden, foar bern fan 'e basisskoalle. Der wiene twa earste priiswinners: Gaiske Meinsma fan De Krunestrobbe út Jorwert en Jacob Jan Haaksma fan De Griffel út Holwert hiene beide 7 flaters. De tredde priis gie ek nei De Griffel yn Holwert, nei Mirthe Slagman. Raynoud Ritsma, bekend fan it Omrop Fryslân televyzjeprogramma Tsjek, lies it diktee foar. Oan 'e finale fan it Lyts Frysk Diktee diene 31 bern fan 11 basisskoallen mei.

Live
Foar de minsken dy't harren net kwalifisearre hiene, of dy't gewoan benijd wiene nei hoe't it Frysk skriuwen har fergean soe, koe it diktee live op Omrop Fryslân televyzje en ynternet folge wurde. Wa't it diktee nochris neilêze wol, kin it fine op www.omropfryslan.nl/fryskdiktee
De organisaasje fan it diktee lei yn hannen fan 'e Afûk, Cedin Taalsintrum Frysk en 'e Fryske Akademy. It diktee waard fan 't jier foar de tolfde kear hâlden; yn 2016 is der wer in edysje.

Paadwizer

Adresgegevens
Fryske Akademy
Coulonhûs
Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
Telefoan: (058) 213 14 14
Faks: (058) 213 14 09
E-post: fa@fryske-akademy.nl
Ynternet: www.fryske-akademy.nl
Twitter: @FryskeAkademy
Facebook: facebook.com/FryskeAkademy
Rekkennûmers NL30RABO0130549681
NL32INGB0000923369

Kontaktpersoanen
Rie fan Tafersjoch
Foarsitter: prof.dr.ir. Jacob Fokkema

Direkteur-bestjoerder: dr. Hanno Brand
Heechleararen
Amsterdam (UvA): prof. dr. Arjen Versloot
Leien: prof. dr. Rolf H. Bremmer Jr. en prof. dr. Hans Mol
Fakgroepshaden
Skiednis en Letterkunde: dr. Hanno Brand (wnd)
Sosjale Wittenskippen: drs. Cor van der Meer (wnd)
Taalkunde: dr. Hanno Brand (wnd)
Haad Algemiene Saken
drs. Jos Tjalsma

Kolofon

Ut de Smidte fan de Fryske Akademy
blêd foar leden en stipers
Stipersbydrage
De stipersbydrage foar 2014 is op syn minst € 25,00. Foar stipers yn it bûtenlân en foar studinten binne de bedraggen respektivelik € 35,00 en € 20,00.
Yn kombinaasje mei *It Beaken*, it wittenskiplik tydskrift fan de Fryske Akademy, komt de bydrage op € 45,00. Stipers yn it bûtenlân betelje dan € 60,00 en studinten € 25,00.
It opsizzen fan it stiperskip moat fóár 1 desimber skriftlik trochdien wurde oan de stipersadministraasje fan de Fryske Akademy.

Redaksje: Mettje de Vries
Kopij kin oer de mail stjoerd wurde oan:
redaksje@fryske-akademy.nl
Mei de gewoane post nei:
Ut de Smidte
Postbus 54, 8900 AB Ljouwert/Leeuwarden

Basisfoarmjouwing en opmaak
GPNo, De Jouwer

Printer
Van Leer & De Jong, St. Anne

FA-ria

Win tûzen euro mei dyn masterskripsje

Studinten fan 'e universiteit en fan it HBÛ kinne oant 1 juny 2014 noch masterskripsjes ynstjoere foar de grutte Skripsjepriis fan 'e Fryske Akademy.

Betingsten

It ûnderwerp fan 'e skripsje moat lizze op it mêd fan 'e Fryske taal en kultuer, dat wol sizze, taal- of letterkunde, skiednis of sosjale wittenskippen. De skripsje moat dien skreaun wêze (en goedkard wêze troch de oplieding) nei 1 oktober 2010 en fóár 1 juny 2014. De taal fan 'e skripsje is by foarkar Frysk, mar mei ek Ingelsk, Nederlânsk of Dútsk wêze.

In wittenskiplike sjuery sil de skripsjes beoardielje. Oer de útslach wurdt net korrespondearre en nei ynstjoeren is de skripsje eigendom fan 'e Fryske Akademy. De skripsjepriis is ynsteld by it 50-jierrich bestean fan 'e Fryske Akademy yn 1988, mei it doel en trún studinten oan om har ôfstudearûndersyk op Fryslân te rjochtsjen.
Wy stelle it op priis as jo minsken dy't yn 'e beneaming komme kinne foar de priis, op it bestean fan 'e priis wize.

Opstjoere

De skripsjes kinne stjoerd wurde nei: Fryske Akademy, Skripsjepriis, Postbus 54, 8900 AB Ljouwert.

Priisútrikking

De Skripsjepriis sil útrikt wurde op 'e Akademydei fan dit jier, freed 12 septimber 2014.

De Fryske Akademy is ek op Facebook te finen:

www.facebook.com/FryskeAkademy

(Advertinsje)